

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Fernije yn betrouwen

Lok op 1

Bestjoersakkoart 2019-2023



Fernije yn betrouwen Lok op 1

Bestjoersakkoart 2019-2023



4 Agrarysk Fryslân	24
Trije haadlinen	25
1. Kwalitative groei foarop	25
2. (skyn)tsjinstellings opheffe	25
3. It grutte belang fan de lânbou	25
Komme ta mear kwaliteit	26
5 Ûndernimmend Fryslân	28
Sirkulêre ekonomy	28
Ynnovasje	28
Beropsbefolking	30
Ûnderwiis en arbeidsmerk	30
Europa	31
6 Leefber Fryslân	32
Leefber wenje	33
Tydlike húsfêsting	33
Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen	34
Sosjale leefberens	34
Blue zone	35
Sport	35
7 Bestimming: Fryslân	36
Wegen	36
Wetter	37
Ferkearsfeilichheid	38
Bus	39
Trein	39
Waadfearen	40
Gastfrijheidsekonomy	41
8 Fryslân 2028	43
Erfgoed	44
Taal	45
Media	46



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLITTE



Ynhâldsopjefte

9 Gearwurkjend Fryslân	47
Gearwurkje mei inisjativen fan oaren	48
Gearwurkje yn stjoere en ferantwurdzje	48
Gearwurkje yn gebieten	48
Gearwurkje mei de Steaten	49
Gearwurkje yn de digitale romte	49
Gearwurkje yn it Frysk bestjoerlik oerlis	49
Gearwurkje oan it ynterbestjoerlik programma	50
Gearwurkje nei de Omjouwingsfisy	50
Gearwurking bûten ús grinzen	50
Gearwurkje as wurkjouwer en útfierder	51
10 Betelber Fryslân	52
Feroarings yn ús finansjele útgongspunten	52
Opsinten	53
Bredere budzjetten	53
Ienris yn 'e twa jier yn 'e spegel sjen	54
Fleksibiliteit binnen hurde ôfspraken foar bedriuwsfiering	54
Taheakke 1: de ekstra ynvestearrings efter ús resultaten	55
Taheakke 2: ûntwikkelings yn ús ynkomsten en útjeften	59
Taheakke 3: finansjele útgongspunten	60
Taheakke 4: útlis by brede wolfeart	61
Taheakke 5: de rollen dy't wy spylje kinne	63
Taheakke 6: List mei ynkommen brieven	65



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SjENNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FÊLJENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENE



Ynlieding

Lok op 1 is de titel fan dit akkoart. Dat slút oan by it feit dat wy as kolleezje 'brede wolfeart' fan belang achtsje: alles wat de kwaliteit fan libben hjir en no beynfloedet en yn hoefier't dat ta skea fan lettere generaasjes giet of fan minsken op oare plakken yn 'e wrâld (CBS, 2019). It besef dat de minske 'net by brea allinne' libbet is net nij, mar wy meitsje it útgongspunt foar de kommende jierren. It betsjut dat wy gjin besluten mear nimme sûnder dy brede blik. Wy sjogge ek praktysk hoe't ús besluten dy't brede wolfeart beynfloedzje. In sintrale rol dêryn spilet de 8 dy't Friezen no oan de leefberens fan Fryslân jouwe. Dy wolle wy op syn minst yn stân hâlde. Dêrneist wolle wy dat Friezen de lokkichste Nederlanners bliuwe. Wy nimme brede wolfeart serieuus. Dêrom litte wy yn de kommende perioade in brede wolfeartsscan fan Fryslân útfiere, nefens de systematyk dy't ek it CBS dêrfoar hantearret. Fansels sjogge wy dêrnei hoe't dy brede wolfeart him ûntwikkelet en wêr't wy helpe of bystjoere moatte.

De ûndertitel fan dit akkoart is Fernije yn betrouwen. Dat seit hoe't wy de brede wolfeart yn Fryslân fergrutsje wolle. Troch nije wegen en ferbinings te sykjen, nije partners en nije ideeën. En dat dogge wy troch betrouwen yn de kwaliteiten en bedoelings fan minsken.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLOTTE

Dit akkoart is troch de bydragen fan in soad minsken ta stân kommen. Hast hûndert organisaasjes yn Fryslân hawwe ús brieven stjoerd. De ideeën en winsken dêryn hawwe dit akkoart ynspirearre en kleure. Mei de politike partijen dy't gjin diel fan ús bestjoer útmeitsje en dy't dêr ree ta wiene, hawwe wy petearen hân. Wy hawwe yn dit akkoart oanjûn wêr't wy suggestjes fan harren oernommen hawwe.

Yn it earste haadstik jouwe wy ús fisy op wat Lok op 1 foar ús ynhâldt en ynhâlde moatte sil. Dêrnei sjogge wy yn 8 haadstikken wat dat konkreet op wichtige tema's betsjut. Yn it lêste haadstik geane wy yn op hoe't wy dat allegearre betelje wolle yn in tiidrek dat der minder jild beskikber is.

Yn alle haadstikken beneame wy wat wy yn de kommende jierren konkreet berikke wolle: ús resultaten. Nei resultaat jouwe wy mei ien of mear ikoantsjes oan wat it bydraacht oan de brede wolfeart fan Fryslân (sjoch foar in útlis fan de ikoantsjes taheakke 4). De measte fan dy resultaten kinne wy net allinne helje. Dêrom roppe wy elk fan herte op om yn de kommende jierren yn 'e mande mei ús Lok op 1 noch fierder kleur te jaan.



WOLWĒZEN



SOSIALE
GĒARHING



SÛNENS



MAATSKIPIKE
BELUTSĒNENS



KLIIMAAT EN
ENERZIJ



NATUER EN
MILIEU



WURK EN
YNKOMMEN



FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE



Lok op 1

Ambysje: Friezen wurde noch lokkiger as se al binne

■ Ryk Fryslân

Fryslân is in rike provinsje. Ryk oan natuerskjintme. Offisjeel sûnt 2010 de moaiste provinsje fan Nederlân. Ryk oan kultuer en taal. Ryk oan noflike plakken om te wenjen. Mar benammen ryk oan ûnderlinge bannen. Fryslân is kampioen frijwilligerswurk, hast de helte fan de Friezen is frijwilliger. Fryslân hat fierwei de measte enerzjykoöperaasjes fan Nederlân. Hast trijefearns fan de Friezen is lid fan in feriening. Yn it kulturele haadstêdjier 2018 kamen al dy sterke kanten fan Fryslân byinoar. De enerzjy dy't dêrby frijkaam, wolle wy mei fierder.

Fryslân is yn guon dingen ek minder ryk. Ús produksje de ynwenner leit hast in tredde leger as yn Nederlân. Mei dêrtroch binne ek de ynkommens yn dizze provinsje leger. Friezen binne mear as yn trochsneed op sosjale foarsjennings oanwiisd. It tal minsken mei in beheinde taalfeardigens leit yn Fryslân heech en it tal Friezen dat fierder studearret is leech.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLITTE

Dochs falt de balâns posityf út. De rykdom dy't net yn jild út te drukken is, makket dat 92% fan de Friezen lokkich is. Dêrmei is Fryslân lanlik koprinne. Friezen koesterje harren 'brede wolfeart', frij oerset: alles wat harren lokkich makket of meitsje kin. De sterke sosjale struktueren, sosjale gelikens en hege leefberens hawwe dêr in wichtige rol yn.

Faak wurde de twa ûnderdielen fan de balâns as stridich sjoen: it ynrinnen fan ekonomyske efterstannen moat wol ta skea gean fan weardefolle natuer of tiid en romte foar sosjale ferbannen. Wy binne derfan oertsjûge dat se inoar krekt fuortsterkje kinne. Wy bringe de twa wrâlden fan 'wolfeart' en 'wolwêzen', mei-inoar brede wolfeart, byinoar. It goud dat wy in soad dingen as provinsje yn hannen hawwe, wolle wy brûke om ek ús swakkere kanten te ferbetterjen. Om dat dwaan te kinnen binne nije fisys en tema's nedich. Wy wolle nije aginda's formulêrje. Ús algemiene aginda sketse wy hjir, ús fisys op ynhâldlike ûnderwerpen by dy ûnderwerpen sels.

Troch mear gebrûk te meitsjen fan ús 'ûnûntdutsen goud' tinke wy dat Fryslân noch mear ta in werkenbere regio yn Europa útgroeie kin. Wy wolle ús provinsje grien, duorsum en feilich oan ús bern en bernsbarn trochjaan.

■ Wêr geane wy mei oan 'e slach?

Der binne yn de kommende jierren trije grutte ûntwikkelingen dy't hast alles dat wy as provinsje dogge kleurje en dêr't wy mei oan 'e slach geane. Dat dogge wy om de kearnkwaliteiten fan Fryslân te behâlden en wêr't dat nedich is te fernijen. Twa dêrfan spylje al jierren, mar sille yn de kommende jierren noch wichtiger wurde. De tredde is in ûntwikkeling dêr't wy bewust mei fierder geane.

1. Klimaatferoaring

In ûntwikkeling dêr't wy net om hinne kinne en wolle is fansels de feroaring yn it klimaat. In soad needsaaklike feroarings hingje dêrmei gear. Lykas de feroaring fan de lânbou, de oanpak fan CO2-útstjit yn de Feangreidegebieten, ús omgong mei wetterberging, it tanimmen fan elektrysk ferkear en hoe't wy dêrop ynspylje. In besibbe wichtich ûnderwerp is de efterútgong fan de soarterykdom (it bioferskaat) yn Fryslân.

2. Demografyske feroarings

In oare wichtige trend is dy fan de grutte demografyske feroarings. De fergrizing sille wy yn de kommende jierren echt fiele. Under oare yn in krimpjende beropsbefolking, ferlet oan oare wenten, oare foarmen en ferlet fan ferfier, in groei fan en oar ferlet yn rekreaasje en toerisme. It spegelbyld dêrfan – ûntgriening – fernimme wy yn minder learlingen foar basis- en middelber ûnderwiis en minder oanwaaks op 'e arbeidsmerk.

3. It erfskip fan LF2018

In tredde ûntwikkeling is it effekt fan it kulturele haadstêdjier 2018. Dy oantrún geane wy fierder mei. LF2018 late ta in ympuls foar it kulturele libben yn Fryslân, mar ek ta in better byld fan ús provinsje yn 'e bûtenwrâld en mear Frysk selsbewustwêzen en



WOLWÊZEN

SOSJALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENIE

gearhing yn doarpen en wiken. Dat hâlde wy fêst en bouwe wy, wêr't dat mooglik is, út om sa ta in 'Legacy' (erfskip) fan Kulturele Haadstêd 2018 te kommen, dy't bliuwt. Dêrby jouwe wy profesjonele ekspertize likegoed as it entûsjasme en de frisse bydrage fan de mienskip de romte. Dêrmei behâlde wy de 'Under de toer-mentaliteit' en gastfrijens fan LF2018.

■ Fernijing as middel

De feroarings dy't op ús ôfkomme en frege wurde, kinne wy net mear de holle biede mei 'business as usual'. Dêrom is fernijing ús wichtichste middel yn dizze perioade. Middel, net doel: der is yn Fryslân in soad dat de muoite wurdich is om te behâlden. In part dêrfan kin sa bliuwe sa't it is. Mar somtiden is ek yn dat weardefolle 'âlde', fernijing nedich om it behâlde te kinnen. Wy sille aktyf – yn 'e mande mei kreative tinkers, it ûnderwiis, de wittenskip, ûndernimmers en oaren – op 'e siik nei nije technologyske oplossings foar de grutte maatskiplike útdagings.

Fernijing 'bûten' freget ek dat wy ússels fernije. Wy brûke technology om ús eigen taken better út te fieren. De feroaring yn ús hâlding en wurkwize sette wy troch: mear tinke yn mooglikheden as beheining, fan 'ja, mar' nei 'ja, en'. Wy wurkje mear út winkende, ynspirearjende perspektiven wei en minder út ramten, noarmen, regels en geboaden. Wêr't it kin skaffe wy regels ôf of ferienfâldigje se.

■ Betrouwen as útgongspunt

Fryslân is in mienskip mei in grut ûnderling betrouwen. Dat makket it mooglik minsken romte te jaan en minder te kontrolearjen. Mei-inoar libje en wurkje wurdt der noflikker en effektiver troch. Dêrom meitsje wy fan dat betrouwen ús útgongspunt.

Wy geane út fan betrouwen yn oaren, mar wolle mei ús gedrach ek it betrouwen yn ússels fergrutsje. Dat dogge wy yn it foarste plak troch iepen en transparant te wêzen. Wy wolle de alternativen dy't wy yn berie nimme – ús dilemma's en karren – iepen diele mei elk dy't dêr belangstelling foar hat. Dat dogge wy ûnder oare troch in digitaal poadium te kreëarjen dêr't wy ús belied en útfiering yn wurding diele en iepenstellen foar bydragen fan oaren. En troch dúdlik te meitsjen wat wy allegearre dogge en wat dat kostet, sadat elk it folgje kin en mooglik útdaagje kin. Ek meitsje wy dúdlik hoe't wy omspringe mei oanfragen fan subsydzjes en fergunnings.

De oare kant fan de medalje is it toanen fan betrouwen yn de yntinsjes, talinten en ideeën fan oaren. Wy leauwe dat de Friezen it goed mei Fryslân en de minsken om harren hinne foar hawwe en dat se ek weardefolle saken by te dragen hawwe. Binnen de grinzen dy't de wet ús no ienkear opleit, litte wy mear los en jouwe wy minsken de romte, stelle wy de wearde sintraal en net de noarm. Wy dogge ús foardiel mei alle kennis en ideeën bûten ús en sykje dêr aktyf nei.

Haadstik

2

Enerzjyk Fryslân

Ambysje: Yn 2030 wurdt 33% fan de Fryske enerzjy duorsum opwekke en 25% enerzjy besparre útgeande fan 2010

It klimaat wurdt waarmer. Dat liedt derta dat de seespegel omheech giet en dat wy ferheftiger waarsekstremen krije, lykas oerdiedige delslach, lange hjitte riten, drûchte en swiere stoarmen. As maatskippij kinne wy dêr op twa manieren op reagearje: yn it foarste plak troch karren te meitsjen oer hoe't wy ús oanpasse by de gefolgen fan klimaatferoaring. Dêr geane wy yn it haadstik Grien Fryslân op yn. Yn it twadde plak troch karren te meitsjen dy't bydrage oan it yn alle gefallen ôfremjen fan fierdere klimaatferoaring.

Yn de ôfrûne tiid wie de lanlike oerheid mei maatskiplike partijen dwaande om ta in mienskiplik klimaatackoart te kommen. Hoewol't de Twadde Keamer der noch oer beslute moat, sil it nei alle gedachten in grutte ynfloed op in soad fan ús provinsjale wurk en besluten hawwe. Wy konformearje ús oan dy nasjonale útwurking fan it klimaatackoart fan Parys, dêrûnder de fermindering fan CO₂-útstjit mei 49% yn 2030. Wy hawwe dêr wol betingsten by. De fermindering fan CO₂-útstjit moat helber en betelber wêze en op genôch maatskiplik draachflak rekkenje kinne. En it tempo moat realistysk wêze. Wy hawwe ek ús eigen doelstelling. As Fryslân wolle wy úteinlik ús eigen enerzjy op-



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPLIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FELIIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

wekje en yn 2050 hielendal ûnôfhinklik fan fossile brânje wêze. Om oan te sluten by de nasjonale termyn, formulearje wy as doelen foar 2030:

- 33% fan de Fryske enerzjy wurdt duorsum opwekke;
- 25% enerzjy wurdt besparre útgeande fan 2010.

De útfiering fan de plannen yn it klimaatakkoart moat ûnder oare fia Regionale Enerzjystrategyen (RES) syn beslach krije. Dêryn moatte partijen yn in regio mei-inoar ta konkrete plannen komme foar waarmtefoarsjenning yn de 'beboude omjouwing' en it grutskalich duorsum opwekken fan enerzjy. Fryslân foarmet ien fan de regio's. Wy bringe ús doelen as ynset yn by it oankommende Fryske RES-proses en hoopje dat se in oanset wêze kinne om ta mienskiplike doelen te kommen.

Wy hawwe yn de ôfrûne jierren grutte stappen set yn it grutskalich duorsum opwekken fan enerzjy, fia ûnder oare de oanlis fan Windpark Fryslân. Dêrneist sette de Fryske Mienskip sels mei faasje útein mei enerzjykoöperaasjes. Wannear't dy plannen yn de kommende jierren útfierd wurde, drage wy al goed 4% by oan de lanlik frege 35 terawattuur nije grutskalige opwekking. Om't wy as Fryslân mar 3,5% fan it lanlike broeikasgas útstjitte en krekt wat mear as 3% fan it lanlike enerzjyferbrûk feroarsaakje, leverje wy dêrmei al in mear as evenredige bydrage oan de lanlik frege opwekking fan duorsume enerzjy.

Dat betsjut net dat wy yn de kommende jierren mei de hannen oerinoar sitten geane. De wei nei duorsumens fine wy tige wichtich. Wat wy dwaan kinne sûnder ús eigen prinsipen (sjoch fierderop) geweld oan te dwaan, sille wy dwaan en yn de RES yn-bringe. Lânbou, mobiliteit en yndustry falle net ûnder de RES. Ek dêrop wolle wy foarút buorkje.

Omdat wy no al evenredich bydrage oan it grutskalich opwekken fan enerzjy kinne wy kribbekeurich en realistysk wêze yn de karren dy't wy op it mêd fan it opwekken fan enerzjy meitsje. It seit himsels dat wy ferwachtsje dat wannear't wy ekstra oan de oplossing fan de problemen earne oars bydrage, der ek bydroegen wurdt oan it oplossen fan de problemen dy't hjir ekstra swier wage, lykas de CO₂-útstjit út it Feangreidegebiet.



Resultaat 1:

as Fryslân hawwe wy mei ús mei-oerheden in oanbod foar de RES ûntwikkele dat folslein ynfolling jout oan ús ferantwurdlikens foar it weromkringen fan klimaatferoaring en rekkenje kin op regionaal draachflak

Maatregels foar duorsumens binne der net allinne om problemen op te lossen, 'omdat it moat'. Mear duorsumens soarget foar legere enerzjylêsten, nije banen en mear wenwille. Wy soargje derfoar dat Friezen dy kânsen optimaal benuttigje kinne.

■ Ús provinsjale rol

It binne de inisjatyfnimmers fan sinneparken, wynmûnen, geotermie of wetterstofprojekten dy't úteinlik bydrage oan minder CO₂-útstjit. Wat wy as provinsje dwaan kinne, is dingen mooglik meitsje en somtiden, wannear't oare saken lykas bygelyks it lânskip swierder wage, ûnmooglik meitsje. Dat dogge wy as provinsje net allinne, ek gemeenten en Wetterskip Fryslân hawwe dêryn in wichtige rol.

Dat mooglik – of ûnmooglik meitsjen dogge wy fleksibel troch, yn neifolging fan ús (ûntwerp) Omjouwingsfisy, mei prinsipen te wurkjen. De algemiene prinsipen, dy't wy dêrby formulearren, folje wy hjir mei in tal prinsipen spesjaal foar enerzjy oan.

Om effisjint te wurkjen, advys te jaan en kennis te dielen, rjochtsje wy yn 'e mande mei oare oerheden en krúsjaale maatskiplike partijen foar de doer fan it RES-proses in Taskforce op. Dy Taskforce kin ek nei it meitsjen fan de RES goede tsjinsten bewize.



Resultaat 2:

der komt út it RES-trajekt in Taskforce enerzjytransysje

■ Ús enerzjyprinsipen

Wy sille, yn oanfolling op ús algemiene prinsipen yn de ûntwerp-Omjouwingfisy, mei de neikommende prinsipen foar ús omgong mei it duorsum opwekken fan enerzjy wurkje:

Prinsipe 1: enerzjybesparing foar alles

De bêste manier om minder CO₂ út te stjitten is minder enerzjy te brûken. Dêrom spanne wy ús yn de kommende jierren yn foar enerzjybesparing. Dat dogge wy ek troch sels it goede foarbyld te jaan: as provinsje meitsje wy yn de kommende jierren ús eigen gebouwen enerzjyneutraal. Dêrneist jouwe wy partikulieren de mooglikheid om foar harren bydrage oan de enerzjytransysje te lienen. Wy brûke dêrfoar it Fûns Fryske Skjinne Enerzjy. De earder opstelde Fryske Enerzjystrategy is dêrby ús útgongspunt.



Resultaat 3:

it Fûns Fryske Skjinne Enerzjy kriget de gelegenheid ek partikulieren te stypjen en wy meitsje ús eigen gebouwen enerzjyneutraal

Prinsipe 2: wy behâlde it karakter fan it Fryske lânskip

Guon foarmen fan it duorsum op wekken fan enerzjy hawwe gjin of hast gjin effekt op it lânskip en feroarsaakje in bytsje of gjin oerlêst. Goede foarbylden dêrfan binne it brûken fan ierdwaarmte (geotermie) of wynmûnen of sinneparken op plakken dy't

1 De ûntwerp-Omjouwingfisy hat fjouwer ynhâldlike prinsipen (sunich romtegebrûk, omjouwingskwaliteit as ûntwerpbasis, ambysjes keppelje en sûn en feilich) en fiif gearwurkingsprinsipen (rolbewust, desintraal wat kin, ja, mits, oansluting sykje en stjoere op proses, rommer op ynhâld).

no al net folle lânskiplike skjintme biede. Op dy foarmen fan it duorsum opwekjen fan enerzjy rjochtsje wy ús benammen.

Dêrby past it stribjen om yn earste ynstânsje gebrûk te meitsjen fan dakken fan wenten en bedriuwen. Wy wolle aktyf gebrûk fan sinnedakken befoarderje konfoarm de sinneljedder en dêr in ynstrumint foar ûntwikkelje. As dat winske wurdt, wurde dakken kollektyf ûntwikkele om sa ûntwikkel- en netbehearkosten te besparjen. Yn twadde ynstânsje is mearfâldich gebrûk fan de romte op de begeane grûn mooglik.

Prinsipe 3: it tal gruttere wynmûnen giet net omheech, mar as it kin nei ûnderen

Wy ferwachtsje dat de wynmûnen dy't al yn Fryslân steane, oanfolle mei de al goedkarde plannen foar wyn en de oare ûnderdielen fan de duorsume enerzjymiks, mei-inoar genôch binne om de bydrage oan it opwekjen fan duorsume enerzjy, dy't it klimaatakkoart oan ús freegje² sil, te heljen. Ekstra wynmûnen binne dus net nedich. Nije wynparken al hielendal net.

It byld fan Fryslân ferbetteret as meardere solitêre wynmûnen ferdwine te'n geunste fan ien nije. Wy wolle it tal solitêre mûnen behoarlik werombringe en sanearje. Wy steane dêrom ta dat meardere besteande mûnen troch ien nije ferfongen wurde.

Nije likegoed as ferfangende mûnen meie, om wille fan it byld fan Fryslân, in hichte fan maksimaal 100 meter (tiphichte) hawwe. Foar ien 100 meter mûne moatte safolle mooglik mûnen opromme wurde. Dêrby jildt dat it tal meters mûne (yn tiphichte) dat opromme wurdt, op syn minst gelyk is oan it tal meters mûne dat der foar weromkomt³. Der is op it stuit in kategory mûnen yn Fryslân, mei in tiphichte fan minder as 45 meter, mei amper fermogen mar wol mei alles mei-inoar gâns ympakt op it lânskip. Fan dy kategory geane wy derfan út dat se op termyn fansels ferdwynt. Wy telle dêrom mûnen mei in tiphichte fan minder as 45 meter net mei foar de sanearring.

Wy meitsje in útsûndering foar de besteande saneamde 'doarpsmûnen'⁴. Dy kinne ferfongen wurde troch in nije mûne fan maksimaal 100 meter (tiphichte) sûnder dat dêrfoar earst oare mûnen sanearre wurde moatte.

Foar alle nije en ferfangende mûnen, útsein de besteande doarpsmûnen, stelle wy oanfoljende easken: harren opstelling moat te'n goede komme oan mear as allinne it opwekjen fan duorsume enerzjy. Wy ferwachtsje dat dy mûnen in mienskiplik besit binne en dat de opbringst dêrfan ek te'n goede komt oan de omkriten. Wy folgje de finansjele en prosesjittige partisipaasjemooglikheden dy't de nije Omjouingswet oplizze sil.

2 Rûtekaart Fryslân 2030, E&E en Quintel, 2019

3 As foarbyld: foar in nije mûne fan 100 meter tiphichte soene dan bygelyks trije mûnen fan 45 meter sanearre wurde moatte, of twa fan 50 meter, ensfh.

4 Foar de útfiering dizze ôfspraak is in wiziging fan de feroardering nedich. Yn de nije feroardering sille wy definiearje wat wy ûnder in besteande doarpsmûne fersteane. Yn alle gefallen sil it gean om solitêre mûnen dy't út lokale inisjativen fuortkomme, yn de omkriten fan in doarp pleatst binne en wêrfan't de opbringst te'n goede komt oan de lokale mienskip.



Wol biede wy gelegenheid foar it pleatsen fan nije wynmûnen mei in ashichte fan maksimaal 15 meter, mits pleatst by agraryske bebouwing. Betingst dêrby is wol dat de pleatste wynmûnekapasiteit net boppe it eigen enerzjyferbrûk fan de boer út giet, mei in maksimum fan trije wynmûnen it boublok. Wy geane derfan út dat de inisjatyfnimmer en gemeente yn dat gefal mei ús oer de romtlike ynpassing oerlizzesille, wêrby't wy ek de mooglikheid ferkenne oft sinnepanielen net in oare oplossing wêze kinne foar de enerzjyfoarsjenning fan it oanbelangjende bedriuw.



Resultaat 4:

wyn leveret in bydrage oan it duorsum opwekjen fan enerzjy yn Fryslân, wylst it tal gruttere mûnen sakket

Prinsipe 4: mjitwurk past it bêste

Dat wy mei prinsipen wurkje jout al oan dat wy derfan útgeane dat yn 't foar net krekt foar te skriuwen is wat wol en net kin. Wy jouwe oan 'e iene kant mear romte as earder, troch bygelyks sinneparken dy't net daliks oan de beboude komt oanslute net mear út te sluten. Wol is it plak – net op weardefolle lânbougrûn, bygelyks – en de manier wêrop (goed ynpast) fan belang, krekt as it draachflak yn 'e omkriten.

Prinsipe 5: problemen fan moarn oplosse mei oplossings fan moarn

Klimaatferoaring is in lange termyn probleem, krekt as de oplossing derfan. Dêrby binne oan de kime nije oplossings ferskynd, lykas it brûken fan ierdwaarmte (geoterm), wetterstof, of it opnimmen fan sinnepanielen yn ruten en dakpannen. In soad fan dy oplossings binne better as de besteande en wy stypje de ûntwikkeling dêrfan dan ek. Der binne inisjativen foar geoterm en wetterstof yn Fryslân yn ûntwikkeling. Wy sille mei it FSFE yn petear oer in gruttere rol foar geoterm en wetterstof yn de finansiering troch it FSFE.



Resultaat 5:

geoterm en wetterstof binne in wichtich ûnderdiel fan de duorsume enerzjymiks yn Fryslân

Prinsipe 6: jild allinne makket net lokkich

Neist jild binne ek saken as it foarsjen fan kennis of it lieden troch oerheidslân fan belang foar it sukses fan enerzjy-inisjativen. Enerzjy-inisjativen wurde al troch maatskiplike organisaasjes, adviseurs en oerheden stipe. Dy organisaasjes en partijen wurkje wikseljend gear. Wy sjogge foar ússels in rol yn it byinoar bringen fan organisaasjes en it stimulearjen fan in mienskiplik, goed gearwurkjend netwurk. Dêrneist dogge wy oan gemeenten it oanbod om harren, as dat winske wurdt, op dy mêden mei provinsjale kennis te stypjen.



Resultaat 6:

yn 2023 wurkje stypjende organisaasjes op it mêd fan enerzjy sa gear, dat se inoar fuortsterkje en in helpfreger oan ien loket genôch hat

Prinsipe 7: wy dogge it mei de Mienskip

De enerzjytransysje is kânsleas sûnder maatskiplik draachflak. Dy kin passyf wêze (akseptasje), mar is yn Fryslân ek faak aktyf. Fryslân is unyk yn it fan ûnderop ta stân bringen fan duorsume enerzjyproduksje. Enerzjykoöperaasjes en oaren rinne somtiden tsjin problemen oan by it ûntwikkeljen fan in inisjatyf mei gâns ûnthjit ta in echte business case. Wy slute oan by de sterke kant fan Fryslân troch inisjatyfnimmers dêrby te stypjen.



Resultaat 7:

der komt in fûns foar it stypjen fan partikulieren en kollektiven by de ûntwikkeling fan enerzjy-inisjativen⁵

In soad Friezen wolle wol duorsumer libje, mar witte net hoe. Der binne in soad subsydzjemooglikheden en tal fan goede foarbylden. Dy moatte better te finen en foar elkenien tagonklik wêze. Wy helpe mei in enerzjyk team fan saakkundige bewenners mei praktyske ynformaasje en it finen fan de goede middels en manieren, sadat elk de kâns kriget om duorsumer te libjen. Wy meitsje dêrby gebrûk fan de ûnderfinings fan Ljouwert, dêr't enerzjycoaches foar en mei bewenners it ferskil makke hawwe. Wy pakke dy wurkwize graach mei oare gemeenten op.



Resultaat 8:

der komt in provinsjebreed wurkjend team fan enerzjycoaches

Wy tinke dat wannear't wy mei it tapassen fan dizze prinsipen ús oandiel leverje en de oare oanbelangjende partijen harren diel, ús enerzjydoelen te heljen binne. Yn ús kolleezjeperiode geane wy nei oft wy op koers lizze of dat der in koerswizing nedich is. Faaks binne dan ek al in tal fernijende metoaden om ta mear duorsumens te kommen fierder útwurke en kinne wy dêr mear gebrûk fan meitsje.

5 Dat punt waard ek ynbrocht troch Grien Links.

Haadstik

3

Grien Fryslân

Ambysje: Wy bûge it ferlies fan bioferskaat yn Fryslân om yn in ferbettering op langere termyn. De kwaliteit fan grûn, wetter en lânskip ferbetteret dêrtroch.

Fryslân is grien en dat wolle wy sa hâlde. Wêr't it kin meitsje wy Fryslân griener. Dêrfoar is it fan belang dat de delgeande trend yn bioferskaat wer ombûgd wurdt. Dêrneist wolle wy safolle mooglik natuer realisearje, as it kin op in fernijende manier. It lânskip, as wichtige drager fan de griene kant fan Fryslân, beskermje en ûntwikkelje wy. Wetter spilet by fraachstikken yn en om grien Fryslân in krúsjale rol. It feangreidegebiet, as lêste, foarmet it gebiet dêr't alle fraachstikken oangeande in grien Fryslân inoar yn moetsje.

■ Bioferskaat

Fryslân is de moaiste provinsje fan Nederlân en de Fryske natuer draacht dêr wakker oan by. Dy natuer is net ûnbedrige. It bioferskaat (soarterykdom) stiet ûnder druk. It tal ynsekten sakket, bijen hawwe it dreech, de rykdom oan planten nimt ôf. Bioferskaat is fan libbensbelang. Trochdat biste- en plantesoarten no yn rêd tempo ferdwine wurde



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FELIIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

ús ekosysteem en libbensfermidden oantaaste. Wy ynvestearje deryn om de delgong fan bioferskaat te kearen. Dêr leit in wichtige rol foar oerheid, konsumint en lânbou. Om beoardielje te kinnen oft dat slagget moatte wy earste better sicht op de hjoeddeistige situaasje hawwe. Dêrom slute wy oan by de Living Planet yndeks, dy't soarterykdom werjout. De ynformaasje dêrút brûke wy foar in programma om it bioferskaat te ferbetterjen.



Resultaat 9:

der is in programma om it bioferskaat te ferbetterjen⁶

Fryslân is in wichtich briedgebiet foar greidefûgels, mar harren oantallen sakje. Wy foegje dêrom oan ús greidefûgelbelied in ekstra ynset op it oerlibjen fan piken ta. Ús ynfloed op it tal greidefûgels leit benammen yn ús stipe fan agrarysk natuerbehear. Wat predaasje oanbelanget, wy geane troch mei it stribjen nei in maksimale bestriding binnen de wetlike ramten.



Resultaat 10:

it tal greidefûgels yn gebieten mei agrarysk natuerbehear nimt ta

As provinsje meitsje wy in soad karren dy't wichtige gefolgen foar bisten hawwe. Wy besteegje dêrom yn dizze perioade omtinken oan bistewolwêzen op ferskate relevante beliedsmêden, lykas by de útwurking fan de nije Omjouwingsfisy yn programma's⁷.

■ Natuer

Yn de ôfrûne perioade dage Natuer mei de Mienskip, in gearwurking fan ûnder oare natuer- en lânbou-organisaasjes, ús út. Sy biede oan mear natuer te realisearjen tsjin legere kosten, as wy gâns in part fan ús natueroankeap- en ynrjochting oan harren oerdrage. Wy binne entûsjast oer dat oanbod en wolle yn de kommende tiid yn inkelde pilots sjen hoe't harren ideeën yn 'e praktyk útpakke.

Úteinlik wolle wy it folsleine Fryske part fan it Natuurnetwerk Nederland oanlizze. Dat dogge wy wol binnen de beheinings yn faasje en wurkwize dy't de finansjele mooglikheden ús oplizze. Wy tinke dat wy dy mooglikheden ferromje kinne troch saken yn in gebiertsjochte oanpak te kombinearjen.

Wy hechtsje oan behâld fan draachflak foar natuer. Wy brûke fruchtbere lânbougrûn foar lânbou. Ûnteigening is foar ús in alderlêste middel, dat wy yn prinsipe net brûke.

⁶ Dizze suggestje waard troch Grien Links dien.

⁷ De needsaak fan ekstra omtinken foar bisten waard troch de Partij voor de Dieren ynbrocht.

Allinne as it giet om de alderlêste hektaren yn in grut gebiet, dêr't it sukses fan it hiele programma op hinget, soene wy dêr fan ôfwike kinne.



Resultaat 11:

der is in beslút nommen oer de meast kânsrike oanpak foar it ynrjochtsjen fan it Natuurnetwerk yn Fryslân

■ Lânskip

De kommende jierren nimt de druk op it lânskip tige ta. Neist de produksje fan iten freegje natuer, wetter, wenje, de produksje fan duorsume enerzjy, it lânskip oanpasse by de klimaatferoaring en rekreaasje hieltyd mear omtinken en romte. Dêrneist feroaret it lânskip stadichoan troch in soad lytse yngrepen.

Wy soargje derfoar, yn 'e mande mei oaren, dat it Fryske lânskip moai bliuwt. Dêrom hawwe wy by alle ûntwikkelings, dy't yn de kommende jierren (in soad) ympakt op it lânskip hawwe kinne, omtinken foar de gefolgen foar it lânskip. Wy brûke dêrby de prinsipen dy't wy formulearren yn ús ûntwerp Omjouwingsfisy om de romtlike kwaliteit fan it lânskip te bewekjen, te befoarderjen en foar te kommen dat de boel fertutearzet. Ek brûke wy de ekspertize fan lânskipsarsjitekten en fisjonêre tinkers as de Rijksbouwmeester (yndachtich Panorama Nederland) en oare ûntwerpers.

Wy binne wiis mei de gearwurking oangeande it lânskip. In ynteressant foarbyld dêrfan is de gearwurking oangeande it Nacionaal Landschap Súdwest Fryslân tusken de Stichting Erfgoed Natuur en Landschap, de oanbelangjende gemeenten, Wetterskip Fryslân en ûnderskate lânskips- en natuerorganisaasjes.



Resultaat 12:

wy behelje de gefolgen foar it lânskip yn al ús (belieds)karren

■ Wetter

Krekt as by lânskip bart der yn de kommende jierren ek in soad oangeande wetter. De kwaliteit dêrfan moat yn 2027 foldwaan oan de Europeeske Ramtrjochtline Wetter. Der komme hieltyd mear swiere reinbuien, dy't it wettersysteem, benammen de rioelearring, oerbelêste. Ús wettersystemen moatte oan de gefolgen fan de klimaatferoaring oanpast wurde.

Om op de ûntwikkelings yn te spyljen is it nedich om yn tiden fan drûchte wetter fêsthâlde te kinnen en by swiere rein opfange te kinnen. Wy sille dêrfoar maatregels ûndersykje en nimme. Wy fergrutsje de ferbûnens mei wetter troch Fryske húshâldens te stimulearjen sels in reintonne oan te skaffen.

**Resultaat 13:**

der binne mjitbere suksessen helle op it mêd fan klimaatadaptaasje, troch sterk ferbettere wetteropfang en it konkreet ynrjochtsjen fan retinsjegebieten

Yn de kommende jierren giet it fersâlttsjen fan de grûn, benammen yn it noarden fan de provinsje, hieltyd fierder. Wêr't dat mooglik is, besykje wy dat foar te kommen. Wêr't dat net kin, hâlde wy der rekken mei. Wy stypje it Plan fan Oanpak regy fersâlttsjen Noard-Nederlân fan it Programma nei in rike Waadsee en stimulearje ûndersyk nei sâlte tylt fia Potato Valley.

**Resultaat 14:**

Potato Valley is in tagonklik en essinsjeel kennisintrum wurden op it mêd fan sâlte tylt en biedt ûndernimmers perspektyf op nije modellen om jild te fertsjinjen

■ Feangreide

Yn it Feangreidegebiet komme in soad fraachstikken oangeande natuer, lânskip, wetter, mar ek bygelyks lânbou, byinoar. It bestiet út weardefolle natuer (ûnder oare wichtich foar greidefûgels), lânbougrûn, populêre rekreasje- mar ek wengebieten.

Dat feangreidegebiet stiet ûnder druk. It fean ferdrûget en klinkt yn, en dat liedt ta it sakjen fan de grûn en hege útstjit fan CO₂⁸. Ek natuer en lânskip wurde skrieler, it tal greidefûgels en ynsekten sakket en de lânbousektor yn it gebiet stiet ûnder druk.

Wy helpe de boeren reële, hâldbere modellen om jild te fertsjinjen te finen, dy't by it tebekringen fan it ynklinken en it ferbetterjen fan bioferskaat, dy't wy neistribje, passe. De Living Labs bygelyks, kinne dêrby helpe.

By âlds bringt wenje op feangreide mei him mei dat ekstra omtinken foar fundearring, it sa no en dan opheegjen fan de tûn en sa, nedich binne. Hieltyd faker liedt it fierdergeand sakjen fan de grûn lykwols ta problemen foar wenjen. Fundearrings reitsje oantaaste, wenten fersakje. Wy wolle safolle mooglik fierdere en nije skea foarkomme.

■ Ús doelen

De feroarings yn it Feangreidegebiet geane noch mear as in iuw troch. Ek it bybûgen fan dy feroarings fergiet dêrom in lange azem. Wy wolle wol op koartere termyn al ferbettering sjen. Sintraal dêryn stiet dat wy al yn 2030 kommen binne ta in wettersysteem wêrby't feanoksidaasje, it fersâlttsjen en ferdrûgjen fan de grûn safolle mooglik

8 It feangreidegebiet stjit 1,7 Mton CO₂ jiers út, gelyk oan 185.000 húshâldens of in lytse stienkoalsintrale.

foarkommen wurde. Dat moat bydrage ta in feangreidegebiet, dêr't ferbettering fan natuer en bioferskaat is, ynsekten en greidefûgels harren goed hanthavenje kin en de CO-útstjit en it sakjen fan de grûn minder wurde. En wêryn't de fierdere skea oan huzen, kaaien, rioelearings en keunstwurken gâns lytser wurdt en in natuerynklusive, duorsume lânbou bestiet mei in 'grien', kânsryk bedriuwsmodel. Konkreet sille wy ús as partner fan it Ryk ynspanne foar de neikommende doelen foar (uterlik) 2030:

- in fermindering fan de CO2-útstjit yn it Fryske feangreidegebiet
- it beheinen fan mear of nije skea oan wenten troch it sakjen fan de grûn
- tsientallen suksesfolle foarbylden fan nije oplossings foar de lânbou op dy lokaasjes dêr't de lânbou no ûnder druk stiet.

It seit himsels dat wy ek op finansjeel partnerskip fan it Ryk en Wetterskip Fryslân rekkenje by it heljen fan dy doelen.

■ Ús oanpak

Yn 2015 stelden wy ús feangreidefisy fêst. Sûnt is der in soad bard, wêrtroch't dy nedich by de tiid brocht wurde moat. De ôfrûne jierren hawwe wy brûkt om kennis op te dwaan oer wat wol en net helpt. Maatskiplike feroarings en de klimaatferoaring twinge ús no ta maatregels, wêrby't de kennis dy't opdien is yn aksje omset wurdt. Trije begripen steane yn de kommende jierren sintraal yn ús oanpak fan it feangreidegebiet. Dat binne yntegraliteit, mjitwurk en gearwurking.

Yntegraliteit

Yntegraliteit hâldt yn dat de ferskate problemen yn it gebiet yn harren ûnderlinge gearhing besjoen en oanpakt wurde. Wy wolle in waaier oan ynstruminten en middels út it wetterbelied, ekonomysk belied, lânboubelied, romtlik belied ensfh. inoar fuortsterkje litte. Ek betsjut it dat wy mei alle relevante partijen mei-inoar oan 'e slach wolle.

Mjitwurk

Mjitwurk betsjut dat dy yntegraliteit gjin beheining wêze moat. By guon projekten is it genôch as dy allinne ta CO2-reduksje liede, of allinne ta mear bioferskaat. As it totaal mar ta in yntegraal resultaat liedt. Dat betsjut dat somtiden ek it wetterpeil troch mjitwurk fêststeld wurdt.

Gearwurking

Gearwurking bliuwt ús útgongspunt. By de praktyske útfiering lûke wy fan begjin ôf op mei Wetterskip Fryslân en gebietskommisjes. Wy sjogge beide as wichtige petearpartners om ta in ferhastiging te kommen. Yn it fierder bringen fan de fisy en útgongspunten wurkje wy mei in Taskforce Feangreide. Dat dogge wy mei oanbelangjenden út de praktyk (ûnder oare boeren en boargers út it gebiet), kreative en fisjonêre tinkers út de lânskipsarsjitektuer en eksperts op it mêd fan nije modellen om jild te fertsjinjen en de takomst fan agribusiness.



WOLWĒZEN



SOSIALE GEARHING



SÏNENS



MAATSKIPIKE BELUTSĒNENS



KLIMAAT EN ENERZÏ



NATUER EN MILIEU



WURK EN YNKOMMEN



FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

**Resultaat 15:**

der is in Taskforce Feangreide ynsteld dy't it Feangreidebelied effektyf en mei draachflak útfiert

Wy binne foarstanner fan in grûnbank. Wy ûndersykje yn 'e mande mei oaren de bêste foarm dêrfoar. Dat kin ek ynteressant wêze foar de bredere natueropjefte. Ek jouwe wy graach romte oan maatskiplike inisjativen as valuta voor veen. Wy biede oan in bemiddeljende rol te spyljen yn it setten fan stappen rjochting duorsume lânbou mei partners út de itenstring. As lêste fine wy ek it ferkennen fan de mooglikheden foar in publyk/privaat fûns foar maatregels yn it Feangreidegebiet ynteressant.

**Resultaat 16:**

der is in grûnbank nije styl ynsteld

■ Kosten en baten

Op it stuit wurdt der in maatskiplike koste- en bate-analyze útfierd fan de ûnderskate senario's foar it ynfoljen fan it Feangreide Útfieringsprogramma 2020-2030. Dúdlik is dat it by de kosten en opbringsten fan maatregels en senario's giet om tsientallen oant hûnderten miljoenen euro's. Mjitwurk kin djoerder wêze as algemiene maatregels, mar ek jild besparje as boeren sels dingen dogge, dy't oaren foarhinne diene. It sil, ek mei it each op de kosten, hieltyd sykjen wêze nei de goede balâns tusken mjitwurk en algemiene maatregels.

Ek neat dwaan is djoer. Oantaaste fundearrings opknappe kost miljoenen, krekt as oerlêst fan guozzen of it weromrinnen fan it tal ynsekten. It ynklinken fan feangreide liedt ta hegere ûnderhâldskosten foar diken, rioelearring en transportliedings. It wetterbehear wurdt djoerder. Ekstra ynvestearrings yn it Feangreidegebiet sille wy safolle mooglik betelje út de opbringst fan kostebesparings yn de takomst en wy stelle ek oan oare oerheden út om itselde te dwaan.

Foar de kosten fan it wer ta folle bloei bringen fan it feangreidegebiet hawwe wy likegoed as Wetterskip Fryslân oant 2030 al 12,5 miljoen reservearre. Mar wy wolle mear. Dêrom reservearre wy, foarútrinnend op de útkomsten fan de MKBA 10 miljoen euro ekstra en fergutsje ús earmslach troch besteande budzjetten te kombinearjen. It Fryske feangreidegebiet kin in grutte bydrage leverje oan de lanlike fermindering fan CO2-útstjit en bydrage oan Europeeske doelen op it mêd fan natuer, fernijing fan de lânbou en wetterkwaliteit. Dêrom sette wy ús yn foar (mear) bydragen fan Europa, it Ryk en maatskiplike partijen.

**Resultaat 17:**

der is in senariokar makke foar it ambysjenivo foar it Fryske feangreidegebiet op basis fan de Maatskiplike Kosten Baten Analyze

Haadstik

4

Agrarysk Fryslân

Ambysje: De Fryske Lânbou is sûnt lange tiid in ‘fjouwer stjerren’ lânbou. Wy helpe de sektor dêr in fiif stjerren lânbou fan te meitsjen, wêrby’t de fiifde stjer in griene stjer is.

De lânbou is fan grut belang foar Fryslân. De totale ‘agro-food’ sektor (ek bygelyks suvelyndustry en gruthannel) is goed foar ien op ‘e tsien arbeidsplakken yn Fryslân, 11% fan it Bruto Regionaal Product en hast 40% fan de Fryske eksport.

De Fryske lânbou is ek fan grut belang foar de itensfoarsjenning fan Nederlân en de wrâld. Wy binne de lânbouprovinsje fan Nederlân. De Fryske lânbou eksportearret har produkten wrâldwiid en rint foarop yn fernijing. Dy sterke útgongsposysje is wichtich om it model om jild te fertsjinjen yn ‘t lânbou te fernijen ta in model dat de sterke ynternasjonale posysje fan de Fryske lânbou behâldt, mar ek ekology en ekonomy ferbynt. De oplossings dy’t alle belanghawwenden dêrfoar yn Fryslân betinke, kinne sels ek wer foar it oare part fan de wrâld weardefol wêze.

It belang fan de lânbou is breder as ekonomysk. It grutste part fan it Fryske oerflak bestiet út lânbougrûn. De lânbousektor is de wichtichste behandler fan it lanlik gebiet en fierhinne beskiedend foar hoe’t it lânskip derút sjocht. De agraryske sektor ûntwikkelet en brûkt in soad kennis. De enerzjytransysje, útwreiding en behear fan natuer,



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÏNENS

MAATSKIPIKE
BELÛTSÏNENSKLIMAAT EN
ENERZÏNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FELIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

de leefberens fan it plattelân hawwe allegearre de ferbûnens fan de lânbou nedich. Wy wurdearje de ynspannings fan boeren foar ekonomy, natuer, lânskip en harren bisten tige. Somtiden binne der wol spannings tusken lânbou en oaren. By de lânbou sels leit in rol yn it ferbetterjen fan de ferhâlding mei (parten fan) de maatskippij. Oan 'e oare kant sil ek de konsumint akseptearje moatte dat produkten fan in ferantwurde, natuer-ynklusive lânbousektor in oar priiskaartsje fergje.

De skea en oerlêst troch guozzen binne foar de lânbou noch altyd te grut. De ôfrûne tiid is der in balâns fûn tusken de opfang fan guozzen oan de iene kant en de fergoeding fan de skea foar boeren oan de oare kant. Wy jouwe boeren en jagers binnen de wet maksimale romte om oerlêst en skea fan guozzen te bestriden. It tapassen fan de saneamde Bonus Malus bart allinne nei in evaluaasje fan de oarsaken en neidat wy Provinsjale Steaten gelegenheid jûn hawwe om harren sjenswize dêrop te jaan.

■ Trije haadlinen

Wy hantearje trije haadlinen yn ús oanpak fan de lânbou.

1. Kwalitative groei foarop

Yn it foarste plak wolle wy bydrage oan in fierdere kwalitative groei fan de lânbou: better, yn stee fan mear. Wy binne wiis mei de ûntwikkeling om mear ekonomyske en maatskiplike wearde oan produkten ta te foegjen, fia streekprodukten, biologyske lânbou, kombinaasjes mei soarch of rekreaasje. Ek it produksjeproses ferbetteret, wurdt mear miljeu- en bistefreonlik. Dy beweging nei better is foar ús it útgangspunt yn ús oanpak fan de lânbou.

2. (skyn)tsjinstellings opheffe

In twadde haadline is it trochbrekken fan it spanningsfjild tusken de lânbou en in soad oare maatskiplike winsken. It hoecht bygelyks net altyd lânbou of natuer te wêzen (goed in fearns fan de Fryske lânboubedriuwen docht al oan agrarysk natuer- en lânskipsbehear). Kombinaasjes fan lânbou mei it opwekjen fan enerzjy, lânbou en lânskipskwaliteit besteane en/of binne ûntwikkelings mei gâns ûnthjit.

3. It grutte belang fan de lânbou

De tredde haadline is it grutte belang fan de lânbou foar Fryslân. By it sykjen nei mear kwaliteit en it trochbrekken fan spannings tusken ûnderskate belangen bliuwt in krúsiale rânebetingst dat boeren in libbensfetber bedriuwsmoedel fine kinnen.

Wy steane dêrom efter it doel út it resinte beliedsbrieff Naar een duurzame landbouw in Fryslân: 'De provincie Fryslân streeft naar een duurzame, natuurinclusieve landbouw in 2025. Een landbouw die grondgebonden en circulair is, bijdraagt aan het herstel van de biodiversiteit, maatschappelijk draagvlak heeft én, niet in de laatste plaats, duurzaam economisch renderend is.

■ Komme ta mear kwaliteit

We sjogge in tal kânsen foar de lânbou om ta mear kwaliteit te kommen.

De earste kâns leit yn in gruttere bydrage oan bioferskaat. Lânbou moat mear yn balâns brocht wurde mei bioferskaat, bygelyks fia agrarysk natuerbehear. De nije Agro-aginda Noard-Nederlân jout dêryn ek rjochting oan. De wei derhinne moatte de oanbelangjenden ynfolje en ôflizze, wy kinne stypje. Dêrfoar is ek fan belang dat it gebrûk fan gemyske bestridingsmiddels ferminderet⁹. Wy ferfolje dêryn in foarbyld-funksje en stypje oaren om op dy manier hieltyd fierder te kommen op de wei nei in natuerynklusive lânbou. Op dy manier slute wy ek by it striben fan it Ryk nei in omrinlânbou oan¹⁰.

Ek de manier wêrop't wy mei de grûn omgeane is fan grut belang foar bioferskaat. Hoefolle organyske stof der yn de grûn sit en hokfoar soarte¹¹ draacht by oan mear bioferskaat, mar ek oan bettere wetterberging, in riker grûnlibben, fruchtberens fan de grûn en bettere ôfwar fan gewaaksen. It is dus fan belang dat wy goed mei ús grûn omgeane. Wy stimulearje dêrom de agraryske sektor om pilotprojekten út te fieren, om ferheging fan it organyske stofgehalte fan lânbougrûn yn in model om jild te fertsjinjen foar boeren út te wurkjen, bygelyks fia CO2-sertifikaten (in kombinaasje fan Valuta voor Veen¹² en 'Kaindorf'¹³).



Resultaat 18:

de mooglikheden foar boeren om it organyske stofgehalte yn de grûn te fergrutsjen binne ferbettere, mooglik fia in systeem mei CO2 sertifikaten

In foarm fan lânbou dy't sterk bydraacht oan mear bioferskaat is de biologyske lânbou. It areaal biologyske lânbougrûn is tusken 2009 en 2017 mei goed 50% tanommen. Fryslân kin him mei biologyske lânbou profilearje as skjinne, duorsume lânbouregio. Der binne kânsen op de Europeeske merk foar in fierdere groei fan it biologyske merkoandiel. Wy wolle bydrage oan fierdere groei fan it biologyske model om yn de lânbou jild te fertsjinjen. Dat betsjut dat wy de groei fan it oandiel biologyske lânbou stimulearje en fasilitearje wolle, wêrby't de frijheid fan de ûndernimmer om al as net foar biologysk te kiezen respektarre wurdt.



Resultaat 19:

it oandiel biologyske lânbou yn Fryslân is groeid

9 Dit punt waard ynbrocht troch de Partij voor de Dieren.

10 It belang fan oanslute by de ûntwikkeling nei omrinlânbou waard ek troch de ChristenUnie beklamme.

11 Organyske stof bestiet út humus, ôfstoarne planten en bisten en libbene organismen.

12 Valuta voor Veen is in programma wêryn't boeren frijwillich it wetterpeil ferheegje en foar de CO2-útstjit dy't foarkommen wurdt kompenearre wurde troch de ferkeap fan CO2 credits oan bedriuwen, oerheden en boargers.

13 Yn de ekologyske regio Kaindorf yn Eastenryk wurdt ûnder oare eksperimintearre mei in kompenaasje-programma foar ekstra humusopbou yn de grûn.



WOLWÊZEN



SOSIALE GEARHING



SÏNENS



MAATSKIPIJKE BELUTSENENS



KLIMAAT EN ENERZIJ



NATUER EN MILIEU



WURK EN YNKOMMEN



FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

Wy sjogge kânsen yn it mear ferfrisseljen fan lânbou en natuerbehear. Natuer mei de mienskip, it mienskiplik inisjatyf fan natuer- en lânbou-organisaasjes om provinsjale grûnoankeap en -ynrjochting oer te nimmen, biedt dêr ynspirearjende foarbylden fan (sjoch ek by Grien Fryslân). Wy sjogge nei mooglikheden om de al besteande agraryske natuerbehearders ek natuerbehear bûten harren eigen lânbougrûnen útfiere te litten.

Krúsjaal yn it kommen ta mear kwaliteit is kennis. Kennisbolwurken as Van Hall, de suvelkoöperaasjes, Dairy Valley, Dairy Campus en Potato Valley funksjonearje as katalysator yn kennisoerdracht, ûntwikkelings en ynnovaasje. Wy sjogge Dairy Valley graach útgroeien ta in ynternasjonaal foaroprinnend kennisknooppunt op syn mêd, ûnder oare yn it ferbinen fan ekonomy en ekology. Wy binne dêrom ree, as de plande tuskenevaluaasje geunstich útpakt, om fierder yn Dairy Valley te yvestearjen.

Alle kennis dy't der oangeande Fryske lânbou is, blykt yn de praktyk somtiden noch dreech te finen en oan yndividuele boeren oer te dragen. Wy helpe dy kennisoerdracht noch fierder te ferbetterjen, sadat mear nije kennis yn Fryslân tapast wurdt. In mooglikheid dêryn is bygelyks om de ynset fan konsulinten te stypjen.



Resultaat 20:

Dairy Valley groeit fierder nei in ynternasjonaal foaroprinnend kennisknooppunt

It finen fan ôfsetmerken foar fernijende lânbouprodukten giet net altyd fansels. Wy tinke dêryn in rol spylje te kinnen troch (yndirekt) te helpen yn marketing en it finen fan ôfsetmerken. Wy sjogge ek perspektyf yn mear op konsuminten rjochte kommunikaasje, opboud om it idee hinne dat 'Made yn Fryslân' ek foar lânbouprodukten synonym is foar hege kwaliteit.

Wy wolle yn gearspraak mei de sektor dizze punten útwurkje en stelle dêrom út yn de kommende perioade ta in nije searje lânboudeals te kommen. Wêr't dy oer geane beslute wy yn 'e mande mei de sektor, mar yn alle gefallen stelle wy in lânboudeal oer it fersâltjen út. Wy kombinearje dy deals yn in yntegrale lânbou-aginda, wêryn't wy ek programma's lykas de Regiodeal Natuuriklusieve Landbouw Noord-Nederland en Living Lab ynhâldlik én finansjeel yntegrearje. Sa ûntstiet der in dúdlike oanpak om natuerynklyusive lânbou te stypjen.



Resultaat 21:

der is in yntegrale, mei de belanghawwenden opstelde, lânbou-

De oergong nei in mear op kwaliteit dan kwantiteit rjochte lânbou kostet in soad jild. Wy sjogge de rol fan de provinsje benammen as fasilitearjend. Wy ferwachtsje fan it Ryk en Europa wichtige bydragen. Wy wolle dêrom ús lobby-ynspannings fuortsterkje, ek om yn in folle earder stadium Europeesk en ryksbelied sa beynfloedzje te kinnen dat de belangen fan de Fryske lânbou genôch meinommen wurde.

Haadstik

5

Ûndernimmend Fryslân

Ambysje: wy wurde de MKB-freonlikste provinsje fan Nederlân en de meast sirkulêre regio fan Europa

Ekonomy foarmet in wichtich fûnemint foar brede wolfeart. Sûnder wurk, sûnder produksje en ynkommen binne in soad oare foarmen fan brede wolfeart dreech te berikken. In sûne ekonomy is ek yn harmony mei syn omkriten. In ekonomy dy't dat berikt is in sirkulêre ekonomy. En om dêr te kommen is ynnovaasje fan grut belang, krekt as foar it yn stân hâlden fan it fûnemint fan ynkommen en wurk dat in sûne ekonomy biedt.

■ Sirkulêre ekonomy

Foar ekonomy jouwe wy benammen ynfolling oan brede wolfeart troch te stribjen nei in sirkulêre ekonomy. In sirkulêre ekonomy of omrinekonomy is in ekonomysk en yndustrieel systeem, wêryn't gjin einige grûnstoffoarrieden útrûpele wurde en wêryn't reststoffen folslein op 'en nij yn it systeem ynset wurde.



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FIELGUS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

De Europeeske Kommisje hat ambisjeuze plannen om de Europeeske ekonomy sa gau mooglik sirkulêr te meitsjen. Op nasjonaal nivo is it doel dat Nederlân yn 2050 folslein sirkulêr is. Ek yn Fryslân stypje hieltyd mear partijen sirkulêre ekonomy yn belied en strategy. De Vereniging Circulair Friesland (VCF) groeit sûnt har oprjochting yn 2016. Fryslân krige al de priis foar meast sirkulêre regio fan Nederlân.

Wy sjogge de oergong nei in sirkulêre ekonomy as in kâns foar it Fryske MKB om nije sirkulêre modellen om jild te fertsjinjen te finen. Ek dêrom ynvestearje wy yn de kommende jierren yn sirkulêre ekonomy. Wy binne in aktyf partner binnen VCF en jouwe it Fryske Midden- en Lytsbedriuw (MKB) de gelegenheid mei kennis stipe te wurden yn de rûte nei it mear sirkulêr ûndernimmen. Wy ynvestearje yn in sirkulêre omgong mei enerzjy op bedriuweterreinen.



Resultaat 22:

wy ynvestearje yn sirkulêre ekonomy. Under oare wurdt de besteande voucherregeling foar it MKB útwreide mei de mooglikheid om kennis oer duorsumens- of sirkulariteitsfraachstikken¹⁴ op te heljen.

■ Ynnovaasje

(Mear) sirkulêr wurde allinne is net genôch. Wy ferlieze ek de 'hurde', jildfertsjinjende kant fan brede wolfeart net út it each. Dêrfoar bliuwt ekonomyske groei nedich, mar yn harmony mei aspekten as sûnens en natuerskjintme. De rûte om dy twa kanten te fermoedsoenjen rint faak fia ynnovaasje.

Wy wolle dêrom trochgean om it fermogen om te fernijen fan de Fryske ekonomy te stimulearjen, sadat nije produkten ûntsteane dêr't de Fryske ekonomy de kommende jierren op driuwe kin. Dêrom wolle wy, yn 'e mande mei ûndernimmers, oerheden en oare relevante partijen, komme ta Frysk technologybelied. Wy besteegje omtinken oan startups, as wichtige potinsjele dragers fan ynnovaasje.

Wy kombinearje ús fokus oan 'e iene kant op sirkulêre ekonomy en oan 'e oare kant op ynnovaasje, ûnder oare troch de opbou fan kennis yn Fryslân oanhâldend te stypjen. Wy geane troch mei it stypjen fan wichtige kennisinstututen, -platfoarms en -klusters lykas Wetsus en Watercampus, Innovatiecluster Drachten, Dairy Campus en de Water Alliance, mits ek it Ryk en de kennisinstellings bydrage. Dêrneist stypje wy it beskikber stellen en it tapassen fan de nij opdiene kennis yn Fryslân.

Ynnovaasje komt net allinne fan kennisinstellings en -klusters. In soad fernijing bart op de wurkflier. Wy stypje dêrom it befoarderjen fan fakmanskip en ynnovaasje yn de yndustry dy't produkten makket. Wy stimulearje ynnovaasjes en ynnovative ynvestearings om dêrmei de arbeidsproduktiviteit en ynnovaasjegraad fan it MKB yn Fryslân te ferheegjen.

14 Wy slute dêrby oan by de yn maaie II. troch D66 inisjearre en troch de Steaten oannommen moasje 'Extra geld voor verduurzaming Fries MKB'.

Úteinlik moatte ynnovative produkten ek ferkocht wurde. Wy stypje dêrom ûndernimmerskip, fia ûnder oare Ynbusiness¹⁵. Yn it ferline bliek dat as produkten op in wrâldmerk konkurrearje moatte, dat ek sterk bydraacht oan fernijing. Dêrom sille wy it MKB stypje by ynternasjonale merkûntwikkeling en -ferkenning.



Resultaat 23:

de Fryske eksport nimt sterker ta as trochsneed yn Nederlân

■ Beropsbefolking

Ynnovaasje is ek nedich om it weromrinnen fan de beropsbefolking op te fangen. Nei alle gedachten sacket de beropsbefolking yn Fryslân oant 2050 mei goede in fiifde part. Dat betsjut dat der tekoarten oan arbeidskrêften driigje, mei it risiko op ekonomyske stagnaasje. Ynnovaasje, dêr't de produktiviteit fan wurknimmers troch omheech giet en der dêrtroch minder arbeidskrêften nedich binne foar deselde produksje, kin in útwyk biede. As lêste is in goed fêstigingsklimaat, dat soarget dat bedriuwen hjir komme en oantreklike banen meinimme, ek fan grut belang¹⁶.



Resultaat 24:

mear jonge húshâldings bliuwe yn Fryslân of komme nei Fryslân

■ Ûnderwiis en arbeidsmerk

De krimp fan de beropsbefolking makket in goede oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk noch wichtiger. Yn 'e mande mei ûnderwiis en bedriuwslibben litte wy fia in kennisaginda arbeidsmerk en ûnderwiis better opinoar oanslute, sadat de jongerein en âlderein iepensteande fakatueren ynfolje kinne. Wy wurkje mei oan it fierder útbouwen fan Campus Fryslân ta in folslein oanbod fan masteropliedings en bloeiend (promoasje-) ûndersyk. Wy sille ús ynsette foar in nij Frysk ûnderwiisakkoart dêr't ek it HBO en MBO in prominente rol yn spylje en dat ûnder oare mear omtinken foar it libbenslang learen hat.



Resultaat 25:

der komt in nij Frysk Ûnderwiisakkoart, mei MBO, HBO en Campus Fryslân

15 Ynbusiness is in mienskiplik inisjatyf fan it bedriuwslibben, provinsje, fjouwer gemeenten en it Fryske beropsûnderwiis om ûndernimmers better te stypjen by de groei fan harren bedriuw.

16 Dit punt waard ek troch de ChristenUnie nei foaren brocht.



WOLWĒZEN



SOSIALE
GEARHING



SÛNENS



MAATSKIPIKE
BELUTSENENS



KLIJMAAT EN
ENERZIJ



NATUER EN
MILIEU



WURK EN
YNKOMMEN



FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

■ Europa

Troch doelbewust út te blinken yn Fryske sterke punten as Wettertechnology, Sirkulêre Ekonomy, de Maritime sektor en Natuerynklusive Lânbou – dêr't Fryslân goed yn is en echt wat oan de Europeeske ambysjes bydrage kin – wolle wy ek in grutter berop op Europeeske middels dwaan. Op grûn dêrfan ûntwikkelje wy projekten oangeande dy ûnderwerpen en helje dêrmei ekstra Europeeske middels nei Fryslân.

Wy binne ek ynnovatyf yn ús eigen opstelling. Ús oanpak is net yn beton getten. Wy steane iepen foar eksperiminten en goede ideeën.

6



Foto: Vivara Pro

Leefber Fryslân

Ambysje: Friezen wurdearje it libben yn Fryslân trochinoar mei op syn minst in 8

De gearstalling fan de Fryske befolking sil yn de kommende jierren gâns feroarje troch ûnder oare ûntgriening en fergrizing. Dy feroarings sille oeral effekt op de leefberens hawwe, lykas de sosjale gearhing yn benammen doarpen, it foarsjennings-nivo en de berikberens dêrfan.



Resultaat 26:



Yn it te fieren belied hâlde wy yntegraal rekken mei de demografyske feroarings¹⁷ wêrby't de Steaten oer de útfiering ynformearre wurde sille.

Hieltyd mear winkels, húsdokters en oare foarsjennings konsintrearje harren yn de gruttere kearnen. Deistige foarsjennings wurde gearfoege en kombinearre. Neist de stêden is in sterke posysje fan de regionale sintra wichtich foar de berikberens fan soarch- en oare foarsjennings. Gemeenten en lokale partijen binne dêrfoar as earsten oan set. Ús rol is fasilitearjend: it stypjen fan inisjativen út de Mienskip, agindearjen en stimulearjen fan ûntwikkelings en oare partijen stypje by it meitsjen fan karren.

¹⁷ It belang dêrfan waard ek troch 50PLUS beklamme.

Wy fine it in goed ding dat der moetingplakken binne. Dat draacht by oan de leefberens op it plattelân. Dat kin in doarpshûs wêze, mar ek in skoalgebou of tsjerke dy't in nije bestimming krige hawwe. Wy stypje inisjativen út de Mienskip foar dy moetingplakken.



Resultaat 27:

safolle mooglik doarpen en wiken hawwe in eigen moetingplak

De sosjale gearhing yn Fryslân is grut. Dat waard yn de ôfrûne jierren ek dúdlik troch it grutte tal inisjativen yn doarpen en wiken, dy't oan leefberens bydrage. Hoewol't de gemeente as earste oerheid oan set is foar leefberens, leveren wy dêr yn de ôfrûne jierren in bydrage oan fia it lepen Mienskips Fûns (IMF). Dat droech by oan in soad projekten dy't de lokale leefberens fuortsterken en dat sette wy dus fan herte troch.



Resultaat 28:

der wurde op syn minst 750 leefberensprojekten yn Fryslân realisearre mei stipe fan it lepen Mienskipsfûns

■ Leefber wenje

In wichtich aspekt fan leefberens wurdt troch immen's direkte leeffermidden en wente foarme. Op dat leeffermidden hawwe wy as provinsje grif wol ynfloed. It tal en de kwaliteit fan wenten foarmet foar it grutste part de ferantwurdlikens fan partijen as wenningkorporaasjes en gemeenten.

Wol hawwe wy in rol yn de romtlike ferdieling fan dy wenten oer Fryslân. Wy stypje gemeenten yn it meitsjen fan regionale ôfspraken oer wenningbou-oantallen. Binnen de regio ferdielje de gemeenten de wenningbouwromte en prate ôf wêr't boud wurdt en foar hokker doelgroep. Dêrby is ús útgongspunt: 'ynbreiding fóar útwreiding. Dêrom stelle wy gjin grinzen oan projekten op ynbreidingslokaasjes, ûnder de betingst dat wy mei de gemeenten ta goede ôfspraken oer útwreiding fan stêd of doarp komme. As lêst stypje wy oare organisaasjes en oerheden mei befolkingsproгноazen by it meitsjen fan karren.

■ Tydlike húsfêsting

Op guon ûnderdielen, direkt relatearre oan leefberens, stypje wy de partijen dy't der echt oer geane. De earste dêrfan is tydlike húsfêsting. Doarpen ûnderfine faak problemen by it bybouwe kinnen fan húsfêsting foar de eigen jongerein of âlderein dy't yn it doarp wenjen bliuwe wolle. Mei it each op de befolkingsûntwikkeling is dat nei alle gedachten benammen de kommende 15 jier in probleem.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITARJE



LOSLITTE

Dêrneist sjogge wy yn guon gemeenten in tanimmende fraach nei húsfêsting fan seizoenwurkers en tydlik persoaniel. Wy nimme foar dy situaasjes in positive grûnhâlding oan foaroer kwalitatyf goede húsfêsting yn it bûtengebied of op it terrein fan de wurkjouwer sels. Op de Waadeilannen is net genôch persoaniel te krijen mei omdat dêr net genôch betelbere wenten binne.

Yn alle gefallen kin tydlike húsfêsting in oplossing wêze: wenten delsette foar in beskate perioade, dy't dêrnei ôfbrutsen of ferpleatst wurde kinne. Om oan de fraach nei wenten foar de koarte termyn (0-15 jier) te foldwaan, stelle wy út yn gearspraak mei partners in ûndersyk te dwaan nei de mooglikheden om fleksibele (sirkulêre) wentebou te stimulearjen. Mei de bousektor en it Ryk sjogge wy oft it nedich is dat de regeljouwing dêrfoar oanpast wurdt.



Resultaat 29:

der binne suksesfolle foarbylden fan fleksibele (sirkulêre) húsfêsting realisearre

■ Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen

Noardeast-Fryslân eksperimintearre yn de ôfrûne jierren mei Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen (DOM's). Dat binne platfoarms fan gearwurkjende oerheden en meardere boargerinisjativen om ideeën te dielen, mei amtlike kapasiteit foar it meitinken, resultaatrjochte belied en fluggere prosedueren, prosesjild en help by it sykjen nei fûnsen foar de realisasje fan projekten. Wy sjogge dat as treflike helpmiddels by it yn stân hâlden of ferbetterjen fan de leefberens op it Fryske plattelân en meitsje ús dêrom hurd foar it begjinnen fan DOM's yn de rest fan Fryslân.



Resultaat 30:

it tal Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen yn Fryslân is tanommen

■ Sosjale leefberens

Yn de mienskip is somtiden sprake fan ferhurding en tsjinstellings dy't de leefberens negatyf beynfloedzje. Ek binne der situaasjes fan iensumens en ûnfoldwaande soarch dy't omtinken freegje. In feilich sosjaal fermidden en sosjale kontakten drage gâns by oan de brede wolfeart yn Fryslân. Wêr't organisaasjes projekten útstelle dy't oer gemeentegrinzen hinne geane en bydrage oan fermindering fan diskriminaasje, iensumens of de situaasje fan minsken dy't soarch nedich hawwe ferbetterje, kinne oanfregers in berop dwaan op in projektsubsydzje sosjale leefberens.



Resultaat 31:

der binne projekten útfierd dy't de sosjale leefberens yn Fryslân fuortsterke hawwe

■ Blue zone

Moeting en sûnens binne krúsjaal foar leefberens. Hoewol't Friezen de leefberens fan harren fermidden heech wurdearje, binne der knyppunten. In soad bern dogge net oan sport. De helte fan de folwoeksenen is te swier. Ek de helte hat groanyske kwalen en de fraach nei soarch troch húsdokters is de lêste jierren mei goed 20% omheech gien. As lêste is der op it plattelân ûntefredenens oer de kwaliteit fan sosjale kontakten.

Wy wolle mei Fryslân de mooglikheden ferkenne oft eleminten út de 'Blue zone' oanpak by Fryslân passe en helpe kinne om de neamde knyppunten te ferminderjen. In Blue zone is in gebiet dêr't minsken mear as yn trochsneed sûn en fitaal âld wurde, ûnder oare troch ûnderlinge ferbûnens. Ús rol dêrby sjogge wy as partijen byinoar bringe en ferbine of in kampanje meifinansiere.



Resultaat 32:

der is dúdlikens oer de betsjutting fan Blue zone foar Fryslân

■ Sport

Fryske sporten lykas fierljeppes, keatse, skûtsjesile en Frysk damje binne ûnderdiel fan 'it Frysk eigene' en as provinsje stypje wy dat.

Dêrneist is de topsport, benammen troch it reedriden, in wrâldwiid boechbyld fan Fryslân. Fryslân is ien fan de regio's yn Nederlân mei in ynternasjonale sportynfrastruktuer, dy't wy fierder útbouwe wolle. Om dat út te drukken meitsje wy ús stipe fan it Sintrum foar Topsport en ûnderwiis op it Hearrenfean permanint. Thialf bliuwt de reedrydtimpel op wrâldnivo: de bêste, fluchste en meast duorsume. Yn de kommende perioade sil der in kar makke wurde oer de takomst fan de iishockeyhal by Thialf en kieze wy ús rol dêrby.



Resultaat 33:

de rol fan topsport yn Fryslân is struktureel ferankere

Neist in positive útstrieling op de oantreklikheid fan sport, hawwe sporteveneminten fan ynternasjonale alluere ek in geunstich ekonomysk effekt. Wy benuttigje de kânsen om dy eveneminten nei Fryslân te heljen. Wy lizze dêrby in relaasje mei LF2028.



Resultaat 34:

Fryslân set him yn foar it ynheljen fan ynternasjonale topsporteveneminten, dêrûnder in ynternasjonale hurdfytswedstriid

Haadstik



Bestimming: Fryslân

Ambysje: Fryslân berikber foar alles en elkenien en berikt troch folle mear toeristen, op in manier dy't oan brede wolfeart bydraacht

Fryslân is in goed plak om te wêzen, mar ek om te kommen. Dêrom wolle wy de wrâld útnûgje en by steat stelle hjir te kommen en ta te hâlden, of by need allinne trochhinne te reizgjen. Wy wolle minsken by steat stelle alles wat Fryslân te bieden hat te ûnderfinen.

■ Diken

Om Fryslân te ûndergean is it yn it foarste plak nedich om der feilich en fluch komme te kinnen en yn 'e rûnte te reizgjen. Dêrom pakke wy besteande knyppunten oan. It wichtichste oerbliuwende knyppunt op de provinsjale diken is de ferbining Snits – Ljouwert. Der komt gjin nij trasee. Wy ûndersykje hoe't wy dy dyk troch ferbetterings oan it besteande trasee feiliger meitsje kinne en ek de trochstreaming gâns ferbetterje.



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZIJNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

**Resultaat 35:**

der is helderheid oer de bêste oplossing foar de dyk Snits-Ljouwert

Op it Rykswegenet soargje de beweechbere brêgen Skarster Rien en Boalsert foar opûnthâld en ferkearsûnfeilichheid. Foar Skarster Rien is de bêste oplossing bekend, by Boalsert is dêr noch ûndersyk foar nedich. Wy litte dêrom in ûndersyk nei in akwadukt Boalsert útfiere. Mei op grûn dêrfan wolle wy it Ryk oerhelje beide knypunten op te lossen. Dêrby binne wy, ûnder betingst, ree foarfinansiering oan te bieden.

**Resultaat 36:**

der binne ôfspraken mei it Ryk oer Skarster Rien en Boalsert

■ Wetter

Fryslân is in wetterprovinsje en de berikberens oer wetter is dêrmei fan grut belang. In wichtige ferkearsier oer wetter yn Fryslân is it Van Harinxmakanaal. Wy binne begûn mei it kanaal geskikt te meitsjen foar gruttere skippen (CEMT-klasse Va). Dêr geane wy yn de kommende jierren mei troch. Konkreet realisearje wy it ferromjen fan de bocht by Frjentsjer, meitsje ôfspraken mei it Ryk oer ferfanging fan de Tjerk Hiddesslûzen en nimme maatregels foar de wâlen en ûnderhâldsdipte.

**Resultaat 37:**

it ferromjen fan de bocht by Frjentsjer is yn útfiering en der binne ôfspraken mei it Ryk oer de Tjerk Hiddesslûzen

Fjouwer jier lyn is it ûnderhâldsnivo fan de provinsjale ynfastruktuer ferhege fan in 6 nei in 7, foar in bettere kwaliteit en hegere feilichheid fan (far)wegen. Fanwegen de bysûndere posysje fan it Van Harinxmakanaal waard dat doe noch net yn dy ferheging meinommen. No bringe wy ek it ûnderhâldsnivo fan it Van Harinxmakanaal op nivo 7. Foar de oare karren oangeande ûnderhâld biede wy Provinsjale Steaten foar de ein fan it jier in nij beliedsramt oan.

**Resultaat 38:**

it ûnderhâldsnivo fan it Van Harinxmakanaal is ferhege nei nivo 7

De slûs en brêgen by Koarnwertersân yn de Ôfslútdyk foarmje troch harren ôfmjittings in beheining foar de skipfeart en ûntwikkeling fan de jachtbou. De beweechbere brêgen soargje foar opûnthâld en ferkearsûnfeilichheid. Wy hawwe mei it Ryk oerienstimming berikt oer it ferromjen fan de slûs en ferfanging fan de brêgen.

**Resultaat 39:**

der is begûn mei it ferromjen fan de slûs Koarnwertersân

De farwei Drachten makket ûnderdiel út fan it gebietsproses Hegewarren. In ferbettering fan dy farwei kin earst oan de oarder komme wannear't der yn dat gebietsproses dúdlike synergy mei oare kânsen blykt te wêzen. Ferbettering fan de farwei nei It Hearrenfean besjogge wy wannear't de gemeente dêr in goed útstel foar docht

■ Ferkearsfeilichheid

It tal deadlike ferkearsslachtoffers sakke de ôfrûne jierren spitigernôch net mear. Ús ideaal dat der nimmen mear stjert yn it ferkear is noch fier fuort. Wy meitsje dêrom ús diken noch feiliger, om it tal ferkearsdeaden en ferwûnen werom te bringen. Dat fine wy sa wichtich, dat wy dêr fan no ôf struktureel, yn stee fan tydlik, jild foar reserwearje.

Feilichheid hinget ôf fan de (far)wegen en fytspaden, dêr't Friezen harren oer bewege, mar ek fan de manier wêrop't se dat dogge (al as net append, bygelyks). It oanpassen fan fysike ynfastruktuer allinne is net genôch. Dêrom ynvestearje wy yn de kommende perioade ek ekstra yn ferkearsedukaasje.

**Resultaat 40:**

it tal deaden en ferwûnen op de Fryske diken sakket

Fytsers binne relatyf faak slachtoffer fan in ferkearsûngelok. Fanwegen de foardielen fan it fytsen (sûn, better foar it miljeu) wolle wy bydrage oan groei fan it fytsferkear. Dat wolle wy mank gean litte mei it sakjen fan it tal ûngelokken. Nei alle gedachten liedt de konsintraasje fan skoallen al ta it mear brûken fan fytsen troch skoalbern. Dy moatte de fytspaden diele mei hieltyd mear flugge fytsers (elektryske fytsen, speed pedelecs). It mei-inoar lykop gean fan flugge en stadige fytsers stelt hegere easken oan fytsrûten. Dêrom wolle wy yn 'e mande mei gemeenten oantreklike, feilige en flotte fytsrûten realisearje. Wy passe provinsjale fytspaden en paralleldiken oan en drage by oan gemeentlike fytspaden mei in boppegemeentlike betsjutting. Wy geane derfan út dat gemeenten op syn minst 50% fan de kosten fan harren eigen fytspaden drage.

**Resultaat 41:**

der binne op syn minst fjouwer haadfytserûten oer in langere ôfstân realisearre



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

■ Bus

Iepenbier ferfier hat in wichtige rol yn it reizgjen nei en troch bestimming Fryslân. Wy besteege it busferfier yn dizze perioade op 'en nij oan. Dêrby is wichtich dat wy it nasjonale Zero Emissie konvenant tekene hawwe, wêrtroch't yn 2030 bussen gjin CO2 mear útstjitte meie. Wy wolle lykwols salang net wachtsje. By it ferlienen fan de nije konsesje yn 2022 stribje wy safolle mooglik nei busferfier sûnder CO2-útstjit. Dat mei, benammen op it plattelân, net liede ta ôfbrek fan de tsjinstferliening, dy't bean wurdt.



Resultaat 42:

it tal zero-emisjebussen giet omheech

In part fan de bussen rydt foar it grutste part leech. Dêr sille wy wat oan dwaan, om sa it iepenbier ferfier ek op termyn garandearje te kinnen. Wy meitsje de OV-knoop-punten oantrekliker en kreëarje fluggere haadferbinings. Ynnovaasje en mjitwurk kinne dêr in wichtige rol yn spylje. Dêrom sille wy oan de nije ferfierder easken stelle om yn 'e mande mei de provinsje oan ynnovaasje te wurkjen. Wy freegje it Ryk dêrfoar om bydragen.

De tagonklikheid fan it iepenbier ferfier kin better. Studinten kinne no net oeral fan harren OV-kaart gebrûk meitsje sûnder by te beteljen. Ynternasjonale studinten kinne hielendal gjin gebrûk meitsje fan de OV-studintekaart. Om by te dragen oan de (ynternasjonale) dynamyk yn it Fryske heger ûnderwiis sykje wy dêr by de nije konsesje mooglikheden foar. Ek in oare foarm fan tagonklikens, foar persoanen yn in rolstoel, kin better. Wy nimme de ferantwurdlikheid foar folsleine rolstoeltagonklikens fan it OV.



Resultaat 43:

it iepenbier ferfier op it Fryske plattelân is yn de nije konsesje op syn minst lykweardich oan de hjoeddeistige

■ Trein

Oangeande it ferfier mei de trein wolle wy yn de kommende jierren in soad berikke. Yn it foarste plak wolle wy in fluggere treinferbining tusken it Noarden en de Rânestêd. Op koarte termyn moat dat substansjele tiidwinst opleverje troch in optelsom fan maatregels. Wy lobbye dêrfoar mei de oare oanbelangjende provinsjes.



Resultaat 44:

der binne ôfspraken oer tiidwinst op bestoand spoar, wêrby't wy stribje nei op syn minst 30 minuten tiidwinst

By dy fluggere ferbinings foarmet de ferâldere spoarbrêge oer it Van Harinxmakanaal yn it spoar nei Swol in flessehals. Wy meitsje ôfspraken mei it Ryk oer de ferfanging fan de spoarbrêge troch in akwadukt. Dêrby sjogge wy yn 'e mande mei Ljouwert ek nei de bredere (romtlike) ûntwikkeling fan súdlik Ljouwert, wêrûnder stasjon Werpsterhoeke.



Resultaat 45:

der binne ôfspraken mei it Ryk oer de ferfanging fan de spoarbrêge troch in akwadukt yn it Van Harinxmakanaal

Op langere termyn wolle wy dat de Lelyline oanlein wurdt. Wy freegje yn gearwurking mei de oare oanbelangjende provinsjes it Ryk in Maatskiplike Kosten-Batenanalyse (MKBA) nei de Lelyline út te fieren en dêrnei in beslút te nimmen.



Resultaat 46:

der is in MKBA oer de Lelyline útfierd

Mei it Ryk binne wy ek yn petear oer desintralisaasje fan de foegen oer sprinter-tsjinsten. Mei dy desintralisaasje moat, troch bettere ôfstimming mei de tsjinsten dêr't wy al konsesjeferliener foar binne, mearwearde foar de reizger berikt wurde, wêrûnder in fluggere ferbining mei de rest fan Nederlân.



Resultaat 47:

de konsesjeferliening foar de sprinter-tsjinsten tusken Ljouwert – Swol is nei Fryslân desintralisearre

As lêste meitsje wy ek foar de trein foardering rjochting emisjeleas transport. Wy ûnderhannelje dêr mei Ryk en Arriva oer.

■ Waadfearen

De Waadfearen binne in foarm fan iepenbier ferfier yn Fryslân dêr't it Ryk no oer giet. It kombinearjen fan de konsesjeferliening dêrfan mei oare foarms fan iepenbier ferfier hat foardielen. Ek fine wy dat oer Frysk iepenbier ferfier yn Fryslân besletten wurde moat. Dêrom meitsje wy yn dizze perioade ôfspraken mei it Ryk oer in budzjet-neutrale oerdracht fan konsesjeferliening fan de Waadfearen nei Fryslân. De ynfrastuktuer foar dy fearen, de soalen, bliuwt in ferantwurdlikheid fan it Ryk.



WOLWÉZEN

SOSIALE
GEARHING

SÏNENS

MAATSKIPLIKE
BELÛTSENENSKLIMAAT EN
ENERZIJNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FEUIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

**Resultaat 48:**

der binne ôfspraken oer oerdracht fan de konsesjeferliening foar de Waadfearen nei Fryslân

Ek op dit mêd sykje wy kreative tinkers en eksperts op om ús en de ferfierder te helpen om ta nije produkten en tsjinsten te kommen, of bygelyks nije ferbinings te lizzen tusken besteande foarms fan, al as net iepenbier, ferfier.

**Resultaat 49:**

wy hâlde geregeld ynnovative tafels, wêrby't eksperts out of the box neitinke oer sosjale en technologyske ynnovaasje yn it iepenbier ferfier

■ Gastfrijheidsekonomy

It jier 2018 markearre in nije perioade foar de Fryske gastfrijheidsekonomy. Ljouwert/ Fryslân wie Kulturele Haadstêd fan Europa, wy hellen it tredde plak op de list fan moaiste ûnûntdekte bestimmings fan Lonely Planet en der wie in sterke groei fan it tal bûtenlânske en ynlânske toeristen.

Rekreaasje en toerisme groeie oer it generaal oer de hiele wrâld sterk. Ek Fryslân kriget dêrmei te meitsjen. Bestimming Fryslân is al populêr en sil dat noch folle mear wurde. As wy neat dogge wurdt it benammen drokker op de plakken dêr't it no al drok is (eilannen, Iselmarkust, marregebiet) en op de stuiten dat it no ek al drok is (simmerpyk).

As de groei derfan lykwols tûk is, draacht toerisme krekt by oan in noflik en sûn leeftermidden, behâld fan natuer- en kultuererfgoed of foarsjennings op it plattelân dy't ûnder druk steane. Toerisma draacht dan by oan brede wolfeart. Tûke groei betsjut ynsette op (kultuer)toeristen dy't yn de kwaliteit en identiteit fan ús provinsje ynteressearre binne, mear besiten troch it hiele jier hinne yn stee fan piken en mear besiten yn Noard-, Noardeast- en Súdeast-Fryslân. It betsjut ek ynnovaasje om persoanlike koarten foar te kommen. Om it foar de jongerein ynteressant te meitsjen om yn Fryslân te bliuwen soene ekstra bestegings yn dy sektor benammen by (jonge begjinnende) MKB'ers telâne komme moatte.

Om dat te berikken wolle wy yn de basisynfrastruktuer ynvestearje, gebrûk meitsje fan Yn Business, de Toerisme Allinatie en it Innovatie Platform Fryslân en mear marketing útfiere litte¹⁸ mei omtinken foar LF2028. Ek heart dêr it fierder bouwen op it Fryske Marreprojekt by, it fierder ferbetterjen fan it Fryske oanbod oan ferbliuwsmooglikheden, it better benuttigjen fan de fyts en OV yn deirekreaasje en it ferskaffen fan goede data oan de ûndernimmers. Wy meitsje graach mei-inoar de karren op dat mêd, mei de sektor likegoed as mei alle Steatefraksjes. Wy stelle dêrom yn 'e mande mei it fjild in startnotysje op, as middel ta in brede diskusje oer de winske karren.

18 It belang dêrfan waard ek troch de ChristenUnie beklamme.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSITTE

Toerisme oer wetter is wichtich foar Fryslân en wurdt somtiden behindere trochdat far-rûten ûngeskikt binne foar gruttere boaten. Wy besjogge oft oanpassings yn rekreative farrûten doel hawwe en helber binne, dêrûnder de berikberens fan de Tsjûkemar út it Hearrenfean wei en fia de Lemster Rien. Ek dêrby ûndersykje wy mei help fan eksperts de mooglikheden om de sektor duorsumer te meitsjen. De tredde 'allinne elektrysk'-rûte is krekt iepene. Wy sille mei ûnder oare de Stichting Electricisch Varen Fryslân neigean hoe't wy de Fryske wettersporter helpe kinne om duorsumer te farren.

Oan en by de waadkust ûntsteane in soad inisjativen dy't ynteressant binne foar de leefberens fan it gebiet, likegoed as foar toerisme en rekreaasje. Al dy inisjativen bondelje wy yn in yntegraal ûntwikkelingsplan. Dêrmei ûntstiet in trochgeande line lâns de hiele Fryske waadkust en dêrmei in oantreklik gebiet foar ynwenners en toeristen.



Resultaat 50:

de groei yn de Fryske rekreaasje en toerisme is byûgd nei 'tûke groei'



Fryslân 2028

Ambysje: yn 2028 hat it kulturele libben yn Fryslân noch hieltyd de enerzjy en it fermogen dy't it yn 'e tiid fan LF2018 hie om Fryslân yn beweging te bringen

Kultuer is hoe't wy mei-inoar libje, ús taal, ús gebouwen, ús muzyk, wat wy ite. It is dêrmei fan grut belang foar ús wolbefinen, ús brede wolfeart. Krekt as 'hurde' saken lykas asfalt of grûnwetterpeilen moatte wy ek ús kultuer, ús eigen kulturele genen, ús mei-inoar libjen as ynwenners fan Frylân op peil hâlde.

It jier 2018 wie foar Fryslân in geweldich jier: de provinsje stie fan it begjin fan Kulturele Haadstêd ôf yn de skynwerpers fan Europa. No is it saak om dy positive enerzjy fêst te hâlden en te soargjen de Kulturele Haadstêd foar de hiele provinsje bliuwend resultaat opleveret. Dêrom sette wy de plannen foar LF2028 ('de legacy') troch. Dêrby ferwachtsje wy dat neist Ljouwert ek oare gemeenten en it bedriuwlibben bydrage. It kreative programma wurdt yn de kommende perioade útwurke, wêrby't ek omtinken wêze sil foar kultuer tichtby minsken, de 'kultuer op fytsôfstân'.

Wy rjochtsje in effektive útfieringsorganisaasje op dy't oangeande kulturele karren ûnôfhinklik operearret. De resultaten en de finansjele wurkwize fan dy útfieringsorganisaasje wurde wol troch de oanbelangjende oerheden kontrolearre.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLITTE

**Resultaat 51:**

it programma foar LF2028 is mei sterke kulturele produksjes folle dy't mei ús lepen Mienskip ferbûn binne, bydrage oan it kulturele fjild, kultuertoerisme, it fêstigingsklimaat en de leefberens yn Fryslân

Kultuer giet oer 'sa dogge wy dat mei-inoar', keunst giet oer in nij perspektyf, in alternatyf. Keunst is datjinge dat ôfwykt fan de dominante kultuer. Keunst befreget de status quo, stelt de ferbylding oan de macht en docht ús oars sjen. Dêrmei bringt it ús yn beweging. Fansels heart dêr in soad (romte foar) ynnovaasje en eksperimint by.

Dy eigenskippen fan keunst meitsje it geskikt om ek by oare ûnderwerpen – oft it no om lânboubedied, de enerzjytransysje of de Fryske taal giet – nije, oare ideeën en perspectiven ûntstean te litten. Troch nei dossier keunst- of kultuerprojekten yn te setten by de wichtige tema's fan dizze tiid, behelje wy de Friezen derby, prikkelje ynteresse en bringe wichtige ûnderwerpen fan de gearkomstetafel nei de libbenswrâld fan minsken.

Om de enerzjy fan LF2018 fêst te hâlden, mar ek om better by de wurkwize en syklus fan it Ryk oan te sluten, giet ús kultuerbelied yn de kommende jierren drastysk oer de kop. Wy kieze foar fleksibiliteit, sille mear mei fleksibele budzjetten wurkje. Wy lizze ekstra klam op klassike muzyk, harmony, fanfare en brassbands, pop, (lokaasje)teäter en byldzjende keunst en ynvestearje dêrfoar ekstra yn kultuer. Wy geane folle mear út fan de ideeën, mooglikheden en krêft fan de sektor sels. De provinsje helpt by it útein setten, de sektor sels soarget derfoar dat de beweging troch giet.

Kultuer hat, as lêste, ek positive 'keihurde' ekonomyske gefolgen: neist fansels de direkte wurkgelegenheid yn de sektor sels ek troch bygelyks ekstra (kultuer)toerisme en in better libbens-, fêstigings- en ferbliuwsklimaat. Hoewol't dat grif net betsjut dat alle kulturele aktiviteiten in ekonomysk rendemint hawwe moatte, is omtinken foar de ekonomyske aspekten ferstannich en weardefol. Dat betsjut bygelyks omtinken foar 'blockbuster' útstallings yn museums en unike eveneminten mei in grut ekonomysk by-effekt.

**Resultaat 52:**

in part fan de kulturele aktiviteiten draacht mjitber by ta positive ekonomyske effekten

■ Erfgoed

Erfgoed is bestjurre, weardefolle kultuer mei in skiednis. Oft it no argiven, museums, skiednisûndersyk, terpen, karakteristike pannen, doarpsgesichten of lânskippen fan 'e wâlden binne: mei-inoar fertelle sy it Ferhaal fan Fryslân. Wy diele dat ferhaal mei de ynwenners fan Fryslân, mei toeristen en mei bern fia it ûnderwiis.

Yn de kommende jierren sette in tal trends oangeande erfgoed troch. Hieltid mear tsjerken en pleatsen komme leech te stean. De groei fan kultuertoerisme, mei troch

de oanwêzigens fan weardefol erfgoed ûntstien, set troch. It belang fan erfgoed foar de kwaliteit fan it leeffermidden en de wurkomjouwing en as fêstigingsfaktor foar bedriuwen en bewenners nimt ta. In tal foar it Fryske erfgoed ûnmisbere ynstellings lykas Tsjerkepaad, Monumintehûs, SAFT en Famke hie de ôfrûne jierren te krijen mei ûnwissens omdat se foar in part ôfhinklik wiene fan tydlike stipe. Wy meitsje in part fan dy stipe struktureel, om klear te wêzen foar de ûntwikkelings.



Resultaat 53:

it behâld en behear fan erfgoed kriget in mear solide, strukturele basis

It IPO hat út namme fan de provinsjes yn 2015 in akkoart oer desintraalisaasje fan de restauraasje fan ryksmonuminten ûndertekene. Op grûn dêrfan krije wy jild fan it Ryk. Wy bondelje ús eigen middels dêrmei, sadat it tal opknapte ryksmonuminten yn Fryslân yn de kommende jierren omheech gean kin.



Resultaat 54:

der binne op syn minst 125 ryksmonuminten opknapt

De skiednis fan de iere Midsiuwen en dy fan de Noardsee wurdt de lêste tiid hieltyd populêrder. Dêrom sille wy yn 2021 yn Fryslân in kongres organisearje, wêrby't de skiednis en de kultuer fan de minsken om de Noardsee hinne sintraal stiet.

■ Taal

Taal rekket de identiteit fan minsken. Foar in grut part fan de ynwenners fan Fryslân is dat it Frysk. Wy wolle dat it Frysk folle sichtberder yn de iepenbiere romte fan Fryslân is en dat it tal minsken dat Frysk praat, lêst en skriuwt omheech giet. Ek stribje wy dernei dat Friezen harren frij fiele om Frysk te praten by in grut part fan de kulturele aktiviteiten en ynstellings, yn de soarch, bedriuwslibben, oerheid en rjochterlike macht en dat it Frysk ek yn de digitale wrâld en de media in libbene taal is.

Der is in nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 (BFTK). Wichtige ûnderdielen dêrfan binne it Taalplan Frysk, de oanpassing fan it Kurrikulum Frysk en de provinsjale rol as Taalskipper. Neist de BFTK soarge ek LF2018 en dêryn Lân fan taal foar in nije ympuls foar it Frysk yn al syn (kultuer)uterings.

Ûnder oare om te foldwaan oan de ôfspraken yn de BFTK jouwe wy yn de kommende perioade in stevige ympuls oan ús ynspannings foar it Frysk. Wy lobbye om de ynspekasje foar it Frysk nei de provinsje ta te heljen. Wy wolle yn alle gefallen dat dy ynspekasje mear meisjocht en meitinkt om it Frysk te ferbetterjen. Wy wurkje ta nei in kearnteam fan enerzjike Fryske taaltrainers en oansprekkende ambassadeurs/rolmodellen, dy't

foarriners binne yn it brûken fan moderne en ynteraktive lesmetoaden. Wy stribje dernei dat alle skoallen yn 2030 yn it Fryske taalgebiet ek Frysk jouwe en wurkje mei fernijde kearndoelen oan in trochrinnende meartalige learline.



Resultaat 55:

wy stribje dernei om de ynspeksje foar it Frysk fan it Ryk oer te nimmen

Wy stypje de ambysje fan de Taalalliantie om Europeesk Kennisintrum foar meartaligens te wurden. Wy spylje better yn op fragen út it bedriuwslibben om meiwurkers dy't it Frysk behearskje. Wy sille de meartaligens fan Fryslân mear brûke om Fryslân oan de wrâld te ferkeapjen. Mei de Steaten komme wy ta in kennisagenda foar de kennisynstituten dy't harren mei it Frysk dwaande hâlde. Wy stimulearje kulturele uterings oangeande identiteit, taal en meartaligens. By it útwurkjen fan dy en oare plannen oerlizze wy mei de organisaasjes út it fjild oer de bêste ideeën en mooglik better útstellen.



Resultaat 56:

it gebrûk fan it Frysk troch ynwenners, Fryske organisaasjes en yn de iepenbiere romte is sichtber en mjitber omheech gien

■ Media

Wy binne wiis mei it gebrûk fan fernijende multymediale foarms yn de Fryske media. Dêr bliuwt it Frysk mei by de tiid. Wy ûndersykje de mooglikheden om parten fan ús belied net troch ússels of advysburo's, mar bygelyks troch ûndersyksjoernalistyk evaluatearje te litten, mei hurde garânsjes foar de ûnôfhinklikens fan de oanbelangjende sjoernalist(en). It bliuwt foar ús fan krúsjaal belang dat Omrop Fryslân in sterke posysje hâldt.



Gearwurkjend Fryslân

Ambysje: gearwurking is de noarm wurden tusken Fryske oerheden ûnderling en tusken oerheden en de Fryske mienskip

In soad fraachstikken binne sa dreech en yntegraal wurden dat se net mear troch ien oerheid oplost wurde kinne. Dêrneist ferskowe de rollen tusken oerheden en de mienskip: in soad saken dy't earder as fanselssprekkend 'fan de oerheid' sjoen waarden, wurde no oppakt troch (ferbannen fan) boargers (somsiden liede ûnderfinings derta dat taken ek wer by de oerheid werom komme). Wy moatte ús as oerheid op 'en nij ta de rest fan de maatskippij leare te ferhâlden. It giet mear as foarhinne om gearwurkje yn stee fan ôftwinge en gearwurkje yn mear dingen, mei mear (typen) partijen as oant no ta.

Foar dy nije foarms fan gearwurking is bestjoerlike fernijing fanneden, in oare omgong tusken oerheid en maatskippij. Dat kin troch dy maatskippij it rjocht te jaan om ús taken oer te nimmen en troch omtinken te hawwen foar maatskiplike inisjativen en dêrby te sykje nei mienskiplike stjoering en ferantwurdling. It kin troch ynweners meisjen en meitinke te litten mei belied en útfiering dat noch yn 'e maak is, of troch harren folle mear digitaal te rieplachtsjen. It kin ek troch as oerheden ûnderling folle better gear te wurkjen, sadat boargers ús as ien oerheid ûnderfine.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITARJE



LOSLITTE

■ Gearwurkje mei inisjativen fan oaren

Wy hawwe hieltyd faker te krijen mei grutte, komplekse maatskiplike inisjativen. De Steaten joegen yn novimber 2018 opdracht ta in beliedsbrief oer de wurkwize fan provinsje yn har omgong mei sokke inisjativen. Wy stelle út by it meitsjen fan dat beliedsbrief dat ûnderwerp as kolleezje en Steaten mei-inoar te ferkennen.

In bysûndere foarm fan eksterne inisjativen binne de inisjativen ûnder de flagge fan it 'rjocht om út te daagjen'. Wy meitsje it yn de kommende perioade makliker om ús út te daagjen troch dat rjocht aktiver by de maatskippij yn omtinken te bringen en ús ynformaasjefoarsjenning oer provinsjale taken en kosten te ferbetterjen.



Resultaat 57:

inisjatyfnimmers wurde op lykweardige wize neffens in transparant proses wolkom hjitten by de provinsjale organisaasje

■ Gearwurkje yn stjoere en ferantwurdzje

Nije foarms fan gearwurkje easkje ek nije foarms fan stjoere en ferantwurdzje. Hieltyd faker wurde fan ús de relatyf nije rollen fan netwurkjende of partisipearjende oerheid frege. Wy sykje noch nei foarms fan stjoering en ferantwurdiging dy't passe by ús belutsenens by fraachstikken as Holwert oan See of de plannen foar de Tsjûkemar. Ek dêr besteegje wy omtinken oan yn it beliedsbrief oer eksterne inisjativen.

■ Gearwurkje yn gebieten

Wy wurkje as provinsje yn gebieten in soad gear. Dat dogge wy yn fêste struktueren, by projekten as de oanlis fan diken, of by ûnderwerpen dy't yn guon gebieten spylje, lykas Feangreide.

Troch streekaginda's wurkje wy mei sukses mei gemeenten en Wetterskip gear. Nei 2020 rint dy wurkwize ôf. In soad gemeenten joegen oan dat se de gearwurking trochsette wolle. Wy geane dêr mei harren oer yn petear om ta in mienskiplike startnotysje te kommen. Wy steane posityf foar de suggestjes ta ferbettering oer lykas mear mienskiplik belied ûntwikkelje en beliedsôfstimming fan wjerskanten; stipe biede by it losweakjen en fierder ûntwikkeljen fan projekten, kennis beskikber stelle oan mei-oerheden en maatskiplike partijen; en it dielnimmen fan maatskiplike organisaasjes yn beliedstarieding en -útfiering. Dat binne karren dy't wy mei ús partners meitsje, ek omdat dy partners bydrage yn de útfiering fan dy karren. As lêste wurkje wy karren út yn mjitwurk: nei gebiet kinne se oars útfalle.



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENIË



Resultaat 57:

wy oerlizze mei gemeenten en Wetterskip oer oft en as dat sa is, hoe't de Streekagenda's trochgeane. As sy posityf binne, meitsje wy mei-inoar in startnotysje

■ Gearwurkje mei de Steaten

By nije ferhâldings tusken oerheid en maatskippij hearre ek nije ferhâldings tusken Steaten en kolleezje. Oan 'e iene kant past by de nije rollen fan Steaten likegoed as kolleezje somtiden mooglik mear ôfhâldendheid yn de ferhâldings ta de bûtenwrâld. Oan 'e oare kant bliuwe de Steaten it keazen heechste orgaan. Wy sykje de oplossing foar dy mooglike spanning troch in gruttere rol fan de Steaten yn in earder stadium fan it foarmjen fan ideeën oer belied en útfiering. Wy wolle dêrfoar mei folle iepener startnotysjes wurkje. Dat sille startnotysjes wêze wêryn't it noch folle mear giet om it ferkennen fan de problemen, in earste ferkennen fan oplossings, hokker rol of doelen wy oerwaagje kinne soene. Dy startnotysjes binne yn 'e mande mei de maatskippij en mei de Steaten makke.

■ Gearwurkje yn de digitale romte

Yn de kommende jierren sil de gearwurking mei oaren nei alle gedachten allinne mar tanimme. Saken as de Fryske Bestjoerlike gearwurking en it ynfoljen fan de wurkwiize fan omjouwingwet en -fisy binne foarms fan gearwurking dy't in grutte stap foarút sette kinne soene troch se te stypjen mei online gearwurkingsplatfoarms, datahubs ensfh. Wy wolle technology ek brûke om de demokrasy fuort te sterkjen: troch faker de mienings en ideeën fan de wrâld bûten ús te freegjen, mar ek troch ús ynformaasje, oerwagings en dilemma's digitaal te dielen¹⁹.

■ Gearwurkje yn it Frysk bestjoerlik oerlis

Yn oktober 2018 wie de earste Fryske Bestjoerdersdei oer gearwurking. It entûsjasme dat dêr opwekke waard, late derta dat wy op in tal konkrete ûnderwerpen dwaande binne om ta fuortsterke gearwurking te kommen foar de gearkomste yn de hjerst fan 2019. Yn de kommende jierren ynvestearje wy oangeande dy Fryske bestjoerdersdagen fierder yn de kontakten tusken de Fryske publike aktoaren. Mei Wetterskip Fryslân en de Vereniging Friese Gemeenten pakke wy tema's as de omjouwingfisys en de Regionale Enerzjystrategie mienskiplik op, mar sjogge ek nei mear organisaatoaryske kwestjes.

¹⁹ Dêrmei slute wy oan by de moasje fan 27 febrewaris 2019 fan PVV en 50Plus oer it ûndersykjen fan de mooglikheid fan in systeem dat digitaal rieplachte wurde kin.

■ Gearwurkje oan it ynterbestjoerlik programma

In wichtich mêd dêr't yn de kommende jierren yn likegoed as bûten Fryslân fuortsterke gearwurking op ta stân komme moat, is it Ynterbestjoerlik Programma (IBP). Yn dat programma praten Ryk, gemeenten, provinsjes en wetterskippen ôf om mei-inoar in tal grutte maatskiplike opjeften oan te pakken. Wy stelle oan ús mei-oerheden út om tema's as de gefolgen fan klimaatferoaring (klimaatadaptaasje) en de fitaliteit fan it plattelân in mienskiplike strategy te kiezen.

■ Gearwurkje nei de Omjouwingsfisy

De nije Omgevingswet wurdt nei alle gedachten op 1 jannewaris 2021 fan krêft. Om dêr klear foar te wêzen, makken wy yn de ôfrûne jierren yn 'e mande mei de oare oerheden en boargers in ûntwerp-Omjouwingsfisy. Ynhâldlike en gearwurkingsprinsipen foarmje in sintraal ûnderdiel fan de ûntwerpfisy. Dy komme (foar in part) yn it plak fan fêste ramten en meitsje mear mjitwurk mooglik. Yn de kommende perioade sille wy yn 'e mande mei oare oerheden en maatskiplike partijen útwurkje wat de bêste manier is om mei dy prinsipen te wurkjen.

Yn it algemien sille wy ús wurkwize ûnder de nije Omjouwingsfisy mei ús partners foarm jaan. Wy tinke dêrby ûnder oare oan 'bestjoerstafels'. Ek slute wy yn dy útwurking oan by it earder neamde Frysk bestjoerlik oerlis.

■ Gearwurking bûten ús grinzen

Foar gearwurking sjogge wy net allinne binnen de Fryske grinzen. Wy lûke de lêste jierren mei Seelân op, ek yn ús kontakten mei it Ryk. By âlds wurkje wy gear mei ús noardlike buorlju, ûnder oare yn it Samenwerkingsverband Noord-Nederland en yn lobby. Ynternasjonaal geane wy troch mei de gearwurking mei de oare Fryslannen en ús bûtenlânske partners yn de EU. Wy binne foarsitter fan it Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD).

Ús wichtichste partner bûten de lânsgrinzen is de Europeeske Uny sels. Wy stelle ús yn de kommende jierren as in iepen partner foaroer Europa op en stopje mear minskkrêft en tiid yn de ferbining mei Europa. Dêrby bliuwe wol altyd ús eigen Fryske doelen útgongspunt. Op in soad mêden drage wy dêrmei ek by oan de doelen fan Europa.

As soks winske wurdt biede wy as provinsje ek stipe oan oare oerheden, lykas gemeenten stypje yn de lobby foar mear middels foar it sosjale domein.



Resultaat 59:

wy helje op syn minst 130 miljoen oan Europeeske middels binnen dy't oan de brede wolfeart fan Fryslân bydrage



WOLWĒZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZIJNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FEUIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

■ Gearwurkje as wurkjouwer en útfierder

Fryske boargers belibje harren oerheden net as ien oerheid of in as ien gehiel gearwurkjende groep fan oerheden. Wy wolle de gearwurking mei oare oerheden sa ferbetterje dat dy ûnderfining fan ien oerheid tichter by komt. Dêrneist kin dy gearwurking ek ta kostebesparings foar dy oerheden, en dêrmei yndirekt foar kiezers en boargers, liede.

In foarm dy't dat oannimme kin is bygelyks útwikseling en/of detasjearring fan persoaniel of mienskiplike pools fan meiwurkers. Wy wolle meardere foarms fan dat diel wurkjouwerskip starte en de mooglikheden fan in Fryske bestjoerstsjinst ûndersykje.

Ek wolle wy útein sette mei shared services. Tocht wurde kin oan útfierende taken as behear en ûnderhâld fan wâlen, keunstwurken en ICT-foarsjennings.



Resultaat 60:

der binne meardere suksesfolle foarbylden fan shared services en diel wurkjouwerskip tusken de Fryske oerheden

Haadstik

10

Betelber Fryslân

Ambysje: wy hawwe mear sicht op it nut fan alle euro's dy't wy besteegje en mear gelegenheid dy euro's dêrhinne te stjoeren dêr't se it measte nut hawwe

Om de resultaten yn dit koälysje-akkoart te ferwêzentlikjen is faak jild nedich. De wize wêrop't wy mei dat jild omspringe is mei beskiedend foar de effektiviteit dêrfan. Yn it foarige haadstik sketsten wy in tal útgongspunten foar ús wurkwize. Yn dit haadstik geane wy spesifyk yn op de manier wêrop't wy mei finânsjes omgean wolle.

■ Feroarings yn ús finansjele útgongspunten

Om te begjinnen hantearje wy as provinsje al sûnt lange tiid in tal algemiene útgongspunten foar ús finansjeel belied. Hjir jouwe wy de útstelde wizigings yn/tafoegings oan dy útgongspunten wer. Alle útgongspunten dêr't wy mei wurkje sille steane yn taheakke 2.

As provinsje hiene wy al it útgongspunt dat wy oan it meifinansierjen betingsten stelle, sadat wy goed sicht hâlde kinne op de resultaten. Dêr heakje wy oan ta dat dy ferplicht-



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SjENNENS

MAATSKIPLIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FELIIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

ting ta ferantwurding wol proporsjoneel wêze moat: wy geane safolle mooglik út fan betrouwen.

Dêrneist foegje wy in útgangspunt ta: om burokrasy en fersnipeling foar te kommen, sjogge wy, as wy oerwage in nije regeling yn te stellen, altyd earst goed oft der net al oare regelings fan oaren binne. Yn dat gefal kinne wy of oanslute by de besteande regeling, of beslute net by te dragen omdat it 'dûbeldop' en/of oerstallich is.

Wy hanthavenje de oare útgangspunten dy't wy as provinsje al hiene, wêrûnder it yn stân hâlden fan 20 miljoen euro frije romte foar dizze perioade en struktureel op syn minst 5 miljoen euro foar it neikommende kolleezje.

Neist wizigings yn ús útgangspunten namen wy in tal oare besluten oer ús omgong mei finânsjes. Dy ljochtsje wy hjirûnder ta.

■ Opsinten

Yn de ôfrûne perioade ferlegen wy ús opsinten tydlik sterk, om sa de keapkrêft fan Friezen te stypjen yn in perioade fan ekonomyske ferbettering. Mar ek om ús posysje as ien fan de djoerste provinsjes datoangeande te ferlitten. It is net mooglik dy ferleging ek yn de kommende jierren yn deselde omfang troch te fieren. Wol meitsje wy de helte fan de ferleging fan 2020 ôf struktureel, yn stee fan tydlik. Dochs sil de gewoane Fries of Friezinne fernimme dat syn of har opsinten omheech geane útgeande fan de ôfrûne jierren. Om der wis fan te wêzen dat wy dochs net wer by de djoerdere provinsjes hearre sille, slute wy yn dizze perioade oan by de gong fan saken yn in soad oare provinsjes. Dat dogge wy troch net langer priisstigings automatysk troch te berekkenjen yn ús taryf foar opsinten. It taryf bliuwt nei 2020 dus gelyk.



Resultaat 61:

de automatyske ynflaasjekorreksje op de opsinten wurdt 4 jier bûten wurking steld

■ Breder budzjetten

Yn it foarige haadstik joegen wy oan dat wy yn ús wurkwize oanslute wolle by in wrâld wêryn't ûntwikkelings, ideeën en inisjativen harren komselden kreas oan ús sektorale yndieling hâlde en hieltyd flugger ferrinne. Om dêr better op ynspylje te kinnen, wurkje wy ûnder oare mei breder budzjetten, sadat goede ideeën net stikken rinne op sketten yn budzjetten en prosedueren.

In wichtige stap dêryn sette wy troch al ús kofinansieringsbudzjetten te kombinearjen. De budzjetten foar it Europeeske Plattelânsûntwikkelingsprogramma, oare Europeeske regelings en it Ynvestearringsramt Waad bringe wy allegearre ûnder yn ien kofinansieringsbudzjet. Wy brûke it jild dêr't it op dat stuit it meast nedich en weardefol is.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLETTE

■ Ienris yn 'e twa jier yn 'e spiegel sjen

As provinsje binne wy wend om mear as genôch jild te hawwen foar it beteljen fan de saken dy't wy winsklik fine. Dy tiid is oer. Omdat wy ús net beheine wolle ta it op de winkel passen, betsjut dat dat wy kritysker sjogge nei wat wy, somtiden al in hiel skoft, dogge. Neist in soad nuttige en somtiden sels ûnmisbere aktiviteiten dogge wy ek wolris wat dêr't fan bliken docht dat it net wurket, of dêr't wy net fan witte dat it wurket. Dêrneist kin somtiden eat dat wol wurket dochs minder weardefol wêze as in mooglike oare ynset fan it jild.

Wy sille dêrom ienris yn 'e twa jier 'fan 'e grûn ôf' op 'en nij nei ús útjeften sjen. Binne se wetlik ferplichte? Passe se by ús rol? Wurkje se? Wy dogge dat by de tuskenbalâns en flak foar de nije ferkiezings. By de tuskenbalâns geane wy mei de Steaten yn diskusje oer wêr't ús provinsjale jild it measte foar Fryslân opleveret. Wy berekkenje ek ús risikobuffers op 'en nij en sille de omfang dêrfan, as dêr oanlieding ta is, yn de diskusje behelje.

■ Fleksibiliteit binnen hurde ôfspraken foar bedriuwsfiering

Wy sille oan de Steaten útstelle in totaalbudzjet foar bedriuwsfiering fêst te stellen foar de kommende fjouwer jier, yn stee fan in jierliks budzjet. De termyn fan fjouwer jier makket it mooglik budzjetten nei foaren te heljen of nei efteren te skowen as dat nedich is om te ynnovearjen of op ûnferwachte ûntwikkelings yn te spyljen. It totaalramt foar it budzjet foarkomt dat it liedt ta it oer de kosten hinne gean. Dêrneist geane wy fansels troch mei it alle jierren ynformearjen fan de Steaten oer de ûntwikkeling op dat mêd, sadat se yngripe kinne as dat dochs nedich liket te wêzen.



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SjENNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FELIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENE



De ekstra ynvestearrings efter ús resultaten

Resultaten (bedragen x € 1.000)		tydlik 2020-2023	struk- tureel	revolvear- jend
Energzyk Fryslân				
1	As Fryslân hawwe wy mei ús mei-oerheden in oanbod foar de RES ûntwikkele dat folslein ynfolling jout oan ús ferantwurdlikens foar it weromkringen fan	0		
2	Der komt út it RES-trajekt in Taskforce enerzjytransysje	0		
3	It Fûns Fryske Skjinne Energzy kriget de gelegenheid ek partikulieren te stypjen en wy meitsje ús eigen gebouwen enerzjyneutraal	3.000		X
4	Wyn leveret in bydrage oan it duorsum opwekjen fan enerzjy yn Fryslân, wylst it tal gruttere mûnen sakket	0		
5	Geotermij en wetterstof binne in wichtich ûnderdiel fan de duorsume enerzjymiks yn Fryslân			X
6	Yn 2023 wurkje stypjende organisaasjes op it mêd fan enerzjy sa gear, dat se inoar fuortsterkje en in helpfreger oan ien loket genôch hat	0		
7	Der komt in fûns foar it stypjen fan partikulieren en kollektiven by de ûntwikkeling fan enerzjy-inisjativen	2.200		
8	Der komt in provinsjebreed wurkjend team fan enerzjycoaches	1.800		



Resultaten (bedragen x € 1.000)		tydlik 2020-2023	struk- tureel	revolvear- jend
Grien Fryslân				
9	Der is in programma om it bioferskaat te ferbetterjen	3.000		
10	It tal greidefûgels yn gebieten mei agrarysk natuerbehear nimt ta	5.400		
11	Der is in beslút nommen oer de meast kânsrike oanpak foar it ynrjochtsjen fan it Natuurnetwerk yn Fryslân	0		
12	Wy behelje de gefolgen foar it lânskip yn al ús (belieds)karren	0		
13	Der binne mjitbere suksessen helle op it mêd fan klimaatadaptaasje, troch sterk ferbettere wetteropfang en it konkreet ynrjochtsjen fan retinsjegebieten	0		
14	Potato Valley is in tagonklik en essinsjeel kennisintrum wurden op it mêd fan sâlte tylt en biedt ûndernimmers perspektyf op nije modellen om jild te fertsjinjen	1.000		
15	Der is in Taskforce Feangreide ynsteld dy't it Feangreidebelied effektyf en mei draachflak útfiert	0		
16	Der is in grûnbank nije styl ynsteld	500		
17	Der is in senariokar makke foar it ambysjenivo foar it Fryske feangreidegebiet op basis fan de Maatskiplike Kosten Baten Analyze	10.150		
Agrarysk Fryslân				
18	De mooglikheden foar boeren om it organyske stofgehalte yn de grûn te fergrutsjen binne ferbettere, mooglik fia in systeem mei CO2 sertifikaten	0		
19	It oandiel biologyske lânbou yn Fryslân is groeid	0		
20	Dairy Valley groeit fierder nei in ynternasjonale foaroprinnend kennisknooppunt	600		
21	Der is in yntegrale, mei de belanghawwenden opstelde, lânbou-aginda	400		
Ûndernimmend Fryslân				
22	Wy ynvestearje yn sirkulêre ekonomy. Ûnder oare wurdt de besteande voucherregeling foar it MKB útwreide mei de mooglikheid om kennis oer duorsumens- of sirkulariteitsfraachstikken op te heljen	21.400		
23	De Fryske eksport nimt sterker ta as trochsneed yn Nederlân	3.600		
24	Mear jonge húshâldings bliuwe yn Fryslân of komme nei Fryslân	5.000		
25	Der komt in nij Frysk Ûnderwiisakkoart, mei MBO, HBO en Campus Fryslân	0		
Leefber Fryslân				
26	Yn it te fieren belied hâlde wy yntegraal rekken mei de demografyske feroarings ¹⁷ wêrby't de Steaten oer de útfiering ynformearre wurde sille.			
27	Safolle mooglik doarpen en wiken hawwe in eigen moetingplak	2.000		
28	Der wurde op syn minst 750 leefberensprojekten yn Fryslân realisearre mei stipe fan it Iepen Mienskipfûns	12.000		



WOLWÊZEN

SOSJALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPLIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FELIIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

Resultaten (bedragen x € 1.000)		tydlik 2020-2023	struk- tureel	revolvear- jend
29	Der binne suksesfolle foarbylden fan fleksibele (sirkulêre) húsfêsting realisearre	2.000		
30	It tal Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen yn Fryslân is tanommen	1.000		
31	Der binne projekten útfierd dy't de sosjale leefberens yn Fryslân fuortsterke hawwe	800		
32	Der is dúdlikens oer de betsjutting fan Blue zone foar Fryslân	100		
33	De rol fan topsport yn Fryslân is struktureel ferankere	300	300	
34	Fryslân set him yn foar it ynheljen fan ynternasjonale topsporteveneminten, dêrûnder in ynternasjonale hurdfytswedstriid	0		
Bestimming: Fryslân				
35	Der is helderheid oer de bêste oplossing foar de dyk Snits-Ljouwert	100		
36	Der binne ôfspraken mei it Ryk oer Skarster Rien en Boalsert	100		
37	It ferromjen fan de bocht by Frjentsjer is yn útfiering en der binne ôfspraken mei it Ryk oer de Tjerk Hiddesslûzen	7.000	490	
38	It ûnderhâldsnivo fan it van Harinxmakanaal is ferhege nei nivo 7		250	
39	Der is begûn mei it ferromjen fan de slûs Koarnwertersân	0		
40	It tal deaden en ferwûnen op de Fryske diken sakket	1.000	1.000	
41	Der binne op syn minst fjouwer haadfytsrûten oer in langere ôfstân realisearre	5.375	179	
42	It tal zero-emisjebussen giet omheech	0		
43	It iepenbier ferfier op it Fryske plattelân is yn de nije konsesje op syn minst lykweardich oan de hjoeddeistige	0		
44	Der binne ôfspraken oer tiidwinst op besteand spoar, wêrby't wy stribje nei op syn minst 30 minuten tiidwinst	0		
45	Der binne ôfspraken mei it ryk oer de ferfanging fan de spoarbrêge troch in akwadukt yn it van Harinxmakanaal	100		
46	Der is in MKBA oer de Lelyline útfierd	100		
47	De konsesjeferliening foar de sprintertsjinsten tusken Ljouwert – Swol is nei Fryslân desintralisearre	0		
48	Der binne ôfspraken oer oerdracht fan de konsesjeferliening foar de waadfearen nei Fryslân	0		
49	Wy hâlde geregeld ynnovative tafels, wêrby't eksperts out of the box neitinke oer sosjale en technologyske ynnovaasje yn it iepenbier ferfier	0		
50	De groei yn de Fryske rekreaasje en toerisme is bybûgd nei 'tûke groei'	13.000		
Fryslân 2028				
51	It programma foar LF2028 is mei sterke kulturele produksjes folle dy't mei ús lepen Mienskip ferbûn binne, bydrage oan it kulturele fjild, kultuertoerisme, it fêstigingsklimaat en de leefberens yn Fryslân	6.000		



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLETTE

Resultaten (bedragen x € 1.000)		tydlik 2020-2023	struk- tureel	revolvear- jend
52	In part fan de kulturele aktiviteiten draacht mjitber by ta positive ekonomyske effekten	9.900		
53	It behâld en behear fan erfgoed kriget in mear solide, strukturele basis	45	275	
54	Der binne op syn minst 125 ryksmonuminten opknapt	4.290		
55	Wy stribje dernei om de ynspeksje foar it frysk fan it Ryk oer te nimmen	0		
56	It gebrûk fan it frysk troch ynwenners, Fryske organisaasjes en yn de iepenbiere romte is sichtber en mjitber omheech gien	6.000	25	
Gearwurkjend Fryslân				
57	Inisjatyfnimmers wurde op lykwaardige wize neffens in transparant proses wolkom hjitten by de provinsjale organisaasje	0		
58	Wy oerlizze mei gemeenten en Wetterskip oer oft en as dat sa is, hoe't de Streekaginda's trochgeane. As sy posityf binne, meitsje wy mei-inoar in startnotysje	0		
59	Wyhelje op syn minst 130 miljoen oan Europeeske middels binnen dy't oan de brede wolfeart fan Fryslân bydrage	36.700		
60	Der binne meardere suksesfolle foarbylden fan shared services en dield wurkjouwerskip tusken de Fryske oerheden	0		
Betelber Fryslân				
61	De automatyske ynflaasjekorreksje op de opsinten wurdt 4 jier bûten wurking steld		4.300	
Niet direct aan resultaat gebonden		18.900	-50	
Totalen		184.860	6.769	pm



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPLIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FELIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING




WENJE

Taheakke




Úntwikkelings yn ús ynkkomsten en útjeften

Mearjierrige ûntwikkeling ynkkomsten (x € 1 mln)



Mearjierrige ûntwikkeling útjeften (x € 1 mln)



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLITTE

Taheakke

3

Finansjele útgongspunten

- De begrutting oer meardere jierren is struktureel slutend.
- Om op nije ûntwikkelings ynsplylje te kinnen hâlde wy 20 miljoen euro frije romte foar dizze perioade en struktureel op syn minst 5 miljoen euro foar it neikommende kolleezje.
- De minimale stân fan de frij te brûken reserve bedraacht 10 miljoen euro.
- Strukturele útjeften dekke wy út strukturele middels.
- By de ynset fan revolvearjende middels binne de miste rendeminten dutsen.
- Jild jouwe wy allinnich út as wy alle inisjele kosten en (mooglike) strukturele finansjele gefolgen fan in aktiviteit betelje kinne.
- Alle útstellen oan Provinsjale Steaten mei finansjele konsekwinsjes krije in finansjeel solide dekkingsútstel mei.
- Oan it meifinansieren yn projekten fan oaren stelle wy betingsten, sadat wy goed sicht hâlde kinne op de resultaten; de ferplichting ta ferantwurding moat yn ferhâlding stean ta de ynspanning dy't levere wurdt.
- As wy mei oaren finansjele ôfspraken meitsje, binne dy foar ús hurd. Ôffallers of ekstra middels dy't nedich binne, binne foar rekken fan de partij dy't dy it bêste foarsjen koe, en dat is oer it algemien de partij dêr't wy dy ôfspraken mei makke hawwe.
- Foardat wy regelings ynstelle, sjogge wy earst oft der net al earne oars regelings foar besteane.



WOLWĒZEN

SOSIALE
GEARHING

SÏNENS

MAATSKIPIKE
BELÛTSENENSKLIMAAT EN
ENERZÏNATUER EN
MILJEUWURK EN
YNKOMMEN

FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENJE

Taheakke

4

Útlis by brede wolfeart

De term brede wolfeart is ien fan de reade triedden yn dit bestjoersakkoart. Wy fine it wichtich om net allinne nei de ekonomyske posysje fan Fryslân te sjen mar ek nei it lok fan de Friezen. Dêrom steane de resultaten yn dit akkoart foar in grut part yn it ramt fan de brede wolfeart; tema's dy't bydrage oan in 'lokkich Fryslân'. By ús ynterpretaasje fan brede wolfeart hâlde wy rekken mei de spesifike Fryske situaasje. By elk resultaat steane ien of meardere piktogrammen. De piktogrammen ferwize nei in ûnderdiel fan de brede wolfeart. De ferskate ûnderdielen binne:



wenje: dat giet oer de kwaliteit, beskikberens en duorsumens fan wennings en de kwaliteit fan it direkte wenfermidden

wolwêzen: wy folje dit aspekt fan brede wolfeart yn as de leefberens fan de omjouwing en tefredenens dêroer

sosjale gearhing: dat omfettet saken as betrouwen yn minsken en ynstitúsjes, de kwaliteit fan sosjale kontakten, gelegenheid ta moeting, ienlikens, ferbining

sûnens: dêrûnder fersteane wy de sûnens fan minsken en saken, dy't dêrop ynfloed hawwe lykas bygelyks oergewicht

maatskiplike belutsenens: dat giet oer de belutsenens fan boargers by it iepenbier bestjoer en harren ynfloed dêrop en harren belutsenens by de maatskippij bygelyks as frijwilliger

klimaat/enerzjy: it giet dêrby om de CO2-emisjes, enerzjyferbrûk en -opwekking

natuer/miljeu: dit aspekt fan brede wolfeart omfettet ûnder oare de kwaliteit fan de natuer en it lânskip, bioferskaat en wetterkwaliteit

feiligens: wy ynterpretearje feiligens, yn line mei ús provinsjale ferantwurdlikens, hjir benammen as feiligens op (far)wegen en fytspaden

wurk/ynkommen: dit giet oer de mooglikheid om mei te dwaan oan wurk, itjinge dat fia dat wurk produsearre wurdt en it ynkomen dat dêrmei fertsjinne wurdt

berikberens: dit punt giet om de gelegenheid om fan alle oare aspekten fan brede wolfeart genietsje te kinnen troch der fia dyk, wetter of iepenbier ferfier komme te kinnen

oplieding: dit giet oer saken dy't ynfloed hawwe op it opliedings- en kennisnivo fan de Fryske befolking



WOLWÊZEN



SOSJALE
GEARHING



SÛNENS



MAATSKIPLIKE
BELUTSENENS



KLIAMAAT EN
ENERZJY



NATUER EN
MILJEU



WURK EN
YNKOMMEN



FEILIGENS



BERIKBERENS




OPLIEDING



WENJE

De rollen dy't wy spylje kinne

Wy sille yn de kommende perioade bewuster as earder neitinke oer de rol(len) dy't wy by spesifike fraachstikken of ûnderwerpen spylje wolle en kinne. Dêrfoar slute wy oan by de oerheidspartisipaasje-trep dy't ûntwikkele is troch de Rie foar Iepenbier Bestjoer. Dy sjocht der sa út: (regulearje, regisseurje, stimulearje, fasilitearje, loslitte)



It útgangspunt fan de trep is ûnderoan begjinne. Allinne as loslitte problemen opleveret geane wy de trep op, mar dogge dit altyd sa min mooglik. Om oan te jaan foar hokker rol(len) wy kieze, jouwe wy by alle resultaten yn dit akkoart oan hokker rol of rollen wy by dat fraachstik foar de provinsje passen fine. Dêrfoar hawwe wy fiif pikto-grammen ûntwikkele, elk passend by ien fan de treden op boppesteande trep.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLOTTE

Taljochting op de treden

De Rie foar it Iepenbier Bestjoer is sels frij beheind yn de ynfolling fan boppesteande trep. Wy folje dy trep lykas ûndersteande omskriuwing yn mei de ferantwurdlikens en foarbylden fan ynstruminten dy't wy by elke treed passen fine.

Loslitte

Wannear't de provinsje in taak hielendal loslit, hat hja ynhâldlik, noch yn it proses iennige bemuoienis.

Ferantwurdlikheid: gjin

Ynstruminten: gjin

Fasilitearje

De provinsje kiest in fasilitearjende rol as it inisjatyf fan earne oars komt en sy der belang yn sjocht om dat mooglik te meitsjen.

Ferantwurdlikens: prosesferantwurdlik oer eigen ynbring: soargje dat dy komt lykas tasein. Ynhâldsferantwurdlik oer eigen ynbring: soargje dat dy relevant is en kwaliteit hat.

Ynstruminten: subsydzje, liening, garânsje, kennis, kapasiteit.

Stimulearje

By stimulearje hat de provinsje wol de wisk dat bepaald belied of in yntervinsje fan de grûn komt, mar de realisasje dêrfan lit hja oan oaren oer. Hja siket allinne mar nei mooglikheden om dy oaren yn beweging te krijen.

Ferantwurdlikens: foar in part prosesferantwurdlik, set oaren yn beweging.

Foar in part ynhâldsferantwurdlik: stjoert foar in part ynhâld troch eigen easken oan subsydzje- of garânsjeferliening.

Ynstruminten: subsydzje, liening, garânsje, kennis, kapasiteit.

Regisrearje

Wannear de provinsje kiest foar regisrearje, betsjut dat ek oare partijen in rol hawwe mar dat de provinsje der belang oan hechtet wol de rezjy te hawwen.

Ferantwurdlikens: Prosesferantwurdlik: provinsje nimt foarstap yn it byinoar bringen fan partijen, proses op gong te bringen, te hâlden en ta resultaat te bringen.

Foar in part ynhâldsferantwurdlik: eigen winks en doelen, mar dy wurde ferbûn oan dy fan oaren, en ynhâldlike resultaten helje is ek dielde ferantwurdlikheid

Ynstruminten: prestaasjesubsydzje, opdrachtjouwerskip, ferbûne partijen

Regulearje

Regulearring troch wet- en regeljouwing. As konsekwinsje fan dat middel kin de provinsje regels ek hanthavenje en oertrêding dêrfan sanksjonearje.

Ferantwurdlikens: 100% proses- en ynhâldsferantwurdlik.

Ynstruminten: regeljouwing (feroarderings), tafersjoch

Hokker fan boppesteande rollen passe by de resultaten dy't we behelje wolle, jouwe wy yn de tekst mei ûndersteande piktogrammen oan.



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FASILITEARJE



LOSLOTTE



WOLWÊZEN

SOSIALE
GEARHING

SÛNENS

MAATSKIPTIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENE

Taheakke

6



List mei ynkommen brieven

- Agro Agenda
- Aliander
- Arriva
- Blauwe Hart Natuurlijk
- Bond Friese vogelwachten
- CDA fracties van de ANNO gemeenten NO-Frl, Dantumadiel, Achtkarspelen en T'diel
- CLOK
- Cultureel veld: namens de Friese provinciale culturele instellingen, festivals, musea, cultuurmakers, L F2028, amateurkunst en andere relevante spelers
- Cumela
- Deelnemers wenjen oerlis (gemeenten, wooncorporaties en makelaars)
- Dorpsbelang Marum/Westernijkerk
- Doarpswurk
- Economic board Noord-Nederland
- Essent
- Federatie mobiliteitsbedrijven Nederland
- Fietsersbond
- FME (ondernemersorganisatie voor technische industrie)



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLITTE

- Friese milieufederatie (mede namens waddenvereniging, it Fryske Gea, IVN, SBB, BFVW, LBF en natuurmonumenten)
- Friesland Campina
- Friestalig theater
- Fries landbouwmuseum
- FSFE
- Gemeente Leeuwarden
- Gemeenten Netwerk Noordoost
- Gemeente Noordoost-polder
- Gemeente Opsterland
- Gemeenten Opsterland, Drachten, Heerenveen, Ooststellingwerf (gezamenlijke brief)
- Gemeente SW-Fryslân
- Gemeente Tytsjerksteradiel
- Gemeente Urk
- Gemeente de Waadhoeke
- Gemeenten ZO-Friesland
- GGD Fryslân
- Gezamenlijke brief van: Fossylfrij Fryslân, Friese Milieufederatie, Mienskiipsenergie, Circulair Fryslân, Netwerk Duurzame Dorpen, Doarpswurk en Us koöperaasje
- Gezamenlijke brief van; Het Friesch Grondbezit, LeisureLands, LTO, Landelijk Vastgoed a.s.r., HAS Hogeschool, Federatie Particulier Grondbezit, Stichting innovatie recreatie en ruimte over renaissance platteland
- Gezamenlijke brief van: Samenwerking Noord, Connect.frl, West bedrijvenvereniging en Noordelijke online ondernemers
- Green planet + new energy coalition
- Jantje Beton en IVN natuureducatie
- Kamer van Koophandel
- Kollektiveberied Fryslân
- Landschapsbeheer Friesland
- Living Lab natuurinclusieve landbouw
- LTO Noord, Fryslân
- Merk Fryslan
- Nationale Retailagenda
- Natuur en milieu
- Natuurvereniging Bakkeveen e.o.
- NBTC
- Nederlandse vereniging duurzame energie
- Noardlike Fryske Wâlden
- NS
- Organisaties die opkomen voor bos-/bomenkap (± 25 ondertekenaars)
- P10 (netwerk van 20 grote plattelandsgemeenten in Nederland)
- Platfoarm Fryske Rassen
- Potato Valley
- POV varkenshouderij
- Reizigersorganisatie Rover
- Rug Campus Fryslân



WOLWEZEN

SOSIALE
GEARHING

SÖNENS

MAATSKIPIKE
BELUTSENENSKLIMAAT EN
ENERZJYNATUER EN
MILIEUWURK EN
YNKOMMEN

FEILIGENS



BERIKBERENS



OPLIEDING



WENE

- SDG Netwurk Sustainable Development Goals
- Sense of place
- SER
- Sis Tsiis
- Sport Fryslân
- Sportvisserij Nederland
- Stadsregio Leeuwarden
- Stichting Alde Fryske Tsjerken
- Stichting cyber security
- Stichting sociaal goud
- Stichting leven met aarde
- Stichting Wandelnet
- Streekwurk Iepen Mienskipfûns
- Streekwurk Noordwest-Fryslân
- Streekwurk Waddeneilanden
- Stuurgroep gebiedsagenda Súdwesthoeke
- Stuurgroep aquaduct A7 Bolsward
- Techniekpact
- VFG
- Vereniging Eigen Huis
- Vereniging Impact Noord
- Vereniging ontwikkelaars en bouwondernemers
- Verkeersveiligheidscoalitie
- Vluchtelingenwerk
- VNO-NCW Noord
- Waddeneilanden
- Waddenvereniging
- Wagenborg
- Werkgroep N361
- Wetsus
- Windturbine-eigenaren
- Zorgbelang Fryslân
- Zorginnovatieforum
- Zwembadkeur



REGULEARJE



REGISSEARJE



STIMULEARJE



FACILITEARJE



LOSLITTE



